

Hans Brans



# IN SEE FAN LÂN

en net in wâl te sjen

Iepenloftspul Snakkerburen 2017

## **In See fan Lân en net in wal te sjen**

waard skreaun yn 2016 troch Hans Brans yn opdracht fan it Iepenloftspul Snakkerburen.  
Korreksjes en taaladfyzen foar it Frysk binne fan Tineke Hoekstra.

© Hans Brans, Weidum, 2016

Deze tekst mag niet gekopieerd, gespeeld of anderszins gebruikt worden zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de auteur.

*f.5.2*

## Oer it ferhaal

De ûndernimmende Simone wie manager fan fiif kroegen in Amsterdam en dat sûnder man en mei in soan fan fjirtjin. Mar sy krige har nocht fan it fleanen en draven. Se wol in nij begjin op in nije plak.

Yn it Fryske doarpke Randum keapet se it leechsteande doarpskafée.

Dêr moetet se Sjoerd, in jonge boer fan begjin tweintich dy krekt it bedriuw fan syn heit oernommen hat. Se wurde smoar fereale op inoar, op in wize dy't se noait earder mei makke ha.

Mar foar sa'n ferhâlding kin net elkenien begryp opbringe. Wat moat sa'n âld wiif mei in jongkeardel? Wat moat sa'n jonge boer mei in frommes út 'e stêd? Boppedat ha guon muoite mei de sintrale plak dy it kafé fan Simone ynnimt as doarpshûs.

Binne Sjoerd en Simone bestân tsjin de drok fan bûten?

'In see fan lân' jout in byld fan in útsinnige leafde fan twa tsjinpoalen en fan de twaspjalt yn in doarp dat muoite hat mei de komst fan in frjemde.

## Personaazjes

*(yn folchoarder fan opkomst)*

Sjoerd Swierstra	20, bassist, boer
Peter (Pyt)	± 62, boer yn Iowa, V.S.
Anny (Antsje)	± 60, syn frou
Nynke van der Veen	19, sjongt
Geart Bruinsma	23, leadgitaar of toetsen
Bart Kingma	23, drums
Sjoukje de Boer	± 38, buorfrou en konsulinte by it Agrarisch Advies Centrum
Simone van Dam	42, kafeehâldster
Remco Wassenaar	± 45, makelder
Ruben Meijer	14 of 15, soan fan Simone
Romke Swierstra	58, âld boer, heit fan Sjoerd, ynfalide
Arend de Jong	± 64, foarsitter fan Doarpsbelang
Kees Zwart	± 50, feehanneler, foarsitter fan 'e biljertferiening
Geke Swierstra-Castelein	55, boerinne, mem fan Sjoerd
Wike Zeilstra	20, barfamke
Baukje Dalstra	koarlid 1, foarsitter toanielferiening
Tineke Fopma	koarlid 2
Pytsje Meinema	koarlid 3
Klant 1	
Klant 2	
Leveransier	
Hylke Swierstra	18, broer fan Sjoerd
Hinke-Richtsje Swierstra	16, suske fan Sjoerd
Cora Koning	foarsitster keatsferiening
Bolke van der Veen	heit fan Nynke, boer, biljerter
Jakob van der Meer	oannimmer
4 oant 6 fuotbaljende jonkjes	
Italiaanske gids	
Amerikaanske toerist	± 68
Frou fan 'e toerist	± 64
Mysterieuze frou	
Alde Italiaanske hear	
Helpferlieners	

## DIEL IEN

### SÊNE 1 – IOWA, prolooch

*(Op 'e achtergûn fan it toaniel stiet in libbensgrutte, healrûne wand fan in jarrekolk, mei dêryn de triemen fan in brântrep. Foar op it toaniel is in plakje om gesellich te sitten, mei twa plastic túnstuollen en in taffeltsje. Midden op it toaniel stiet in man yn in oranje feilichheidspak. Syn eagen binne sichtber achter it finsterglês fan syn oranje helm. Op 'e helm, of earne op syn pak, stiet in deadskop. We hearre dat er muoite hat mei sykheljen.)*

(STIM FAN) SJOERD

in see fan lân en net in wâl te sjen  
in wyn dy't wachtet mei waaien  
in fjoer dat wachtet op 'e wyn  
ierde dy't wachtet om iepen te gean  
Simone wêr bist?  
wêr moat ik hinne?  
wa't ik wie ha ik ferlern  
en sy is by my weigien  
stoarm stek op  
fjoer barn  
lân iepenje dy  
nim my op en lit my gean  
wa't ik wie ha ik ferlern

*(De wyn hellet oan. Fan links hearre we de stim fan Peter en even letter fan rjochts de stim fan Anny)*

PETER Sjoerd, where are you? Sjoerd!

ANNY Peter! I think there's is a storm coming!

*(Peter komt op, in foarse boer fan om 'e sechstich jier hinne, spikerbroek, rútsjes himd, baseballpetsje. Hy hat in wetterpomptange yn 'e hân)*

PETER Here you are. I've been looking for you all over the place. How the hell did you manage to get in that suit on your own?

*(Anny komt op, begjin fyftich, in soarchsume, flotte frou. Se hat in koffjepot en kopkes by har)*

ANNY O, here you are. They said on the radio there was a tornado coming. Does he really have to wear that silly suit?

PETER Don't worry woman. I checked and it's moving down south. Hey Sjoerd, you wanna see a real American tornado from up there? We got them here on the plains in Iowa every season.

ANNY We agreed to talk Frisian when he's around. I mean his English is better than our Frisian and we should catch up a bit.

PETER You're right, famke. Just gotta find the switch in my head. Uhh... Sjoerd. Sjoch, here hast in ... eh ... monkey-wrench. Sorry, I can't find that switch, right now. *(jout him de wetterpomptange)* Now, the thing is, the manure that is coming out, can't ...

ANNY Sille we net earst in bakje? Foar't it begjint te waaien?

PETER Foar de kofje net eamelje frou. *(se laitsje)* Sjoerd moat earst de put yn foar in putsje. Sjoch, klimst nei ûnderen en op 'e boaiem sit in reade en in griene ... eh ... faucet, right? Dy reade draaist ticht en de griene draaist iepen. Gottit? Not the other way round, bliksem.

*(Sjoerd knikt. Dan draait er 'm om en klimt earst omheech)*

ANNY Moat er no wier dat idioate pak oan, Pyt? Dat ding is folslein empty.

PETER Safety first. Der kin altyd gas wêze, dat swierder is as lucht. You remember de âldste soan fan the Steinbachs?

ANNY Yes, I remember. Doe't syn heit the farm net mear fuortsette koe, doe hat der him doch ... hoe sizze je dat? Fan kant makke?

PETER Tekoart dien. Oan de hoannebalke.

ANNY Sst. The boy!

PETER More farmers kill themselves than drugaddicts. Hy moat leare om der mei om te gean. Elke boer moat dat. Hee Sjoerd, hoe is it útsicht der boppe? Fabulous, no? *(Sjoerd stiet boppe by de râne. Hy knikt.)* Kinst der fjirtich mile fuort sjen en de helte is fan my.

ANNY It lân is net fan ús. It is Gods ierde.

PETER Antsje hat gelyk, Sjoerd. Wy meie der allinne mar efkes op kuijerje. En der dan yn lizze. Sjochst de tornado ek?

*(Sjoerd dikeret oer de hoarizon. Yn de fierte hearre we súntsjes in driigjend lûd)*

(STIM FAN) SJOERD

in see fan lân en net in wâl te sjen  
in wyn dy't wachtet mei waaien

in fjoer dat wachtet op 'e wyn  
ierde dy't wachtet om iepen te gean  
Simone wêr bist?  
wêr moat ik hinne?  
wa't ik wie ha ik ferlern  
en sy is by my weigien  
stoarm stek op  
fjoer barn  
lân iepenje dy  
nim my op en lit my gean  
wa't ik wie ha ik ferlern

PETER Sjochst 'm? (*Sjoerd skodhollet*) No jonge, gean dy kant mar út. Dan is it klear.  
Antsje wachtet mei de kofje.

*(Sjoerd stekt de hân even op en ferdwynt dan yn 'e put. De boer en boerinne sjogge elkoar even oan)*

PETER What is the matter with that boy? He is here for a week now, but he doesn't say much.

ANNY Ik ha besocht mei 'm te praten, the other day. Syn heit wie boer, mar syn jongere broer hat de farm krige, ha ik begrepen. En doch is Sjoerd in echte boer.

PETER Faaks hie er in famke? Wie sy catholic and his heit en mem net.

ANNY Dat wie yn ús tiid sa. Nee, it is wat oars. Ik wit it net. Go get another chair. He'll like the applepie.

*(Peter giet links ôf, Anny rjochts. At it toaniel leech is hearre we wer even it frjemde, driigjende lûd. Dan komt Peter op mei noch in plastic túnstuoeltsje. Hy set de stoel del, sjocht om 'm hinne, fertrout it net, klimt dan ynienen fluch de brântrep op. Boppe oan 'e râne raast er:)*

PETER Antsje!

ANNY *(komt fluch op, mei apeltaart. Peter is ferdwûn yn de tank)*  
Sjoerd! Jonge!

*(Se draait har ôf fan de tank, rjochting publyk. Befriest mei de apeltaart yn 'e hannen, lit de skaal dan falle. Dan hearre – en sjogge we miskien - it bandsje 'The Flying Cows' mei Nynke as sjongeres, Geart op leadgitaar of toetsen, Sjoerd op bassgitaar en Bart op drums. It begjint mei it mysterieuze lûd dat al earder te hearen wie. Nynke sjongt it liet: 'Stoarm yn 'e stilte'.)*

NYNKE

as alles is ferdwûn  
en elkenien is fuort  
as doarren iepenstean  
en winen lizzen gean  
as alle wurden fuortflein binne  
en gjin gebaar noch sjoen wurdt  
dan sjoch ik mysels net mear stean  
dan bin' myn eagen blyn  
en kleur is dan langer in herinnering

it lân leit as in see fan stilte  
yn 't tsjustere ljocht  
der bin' gjin grinzen, gjin gebiet  
neat hâldt myn blik mear tsjin  
net ien sjocht noch troch my hinne  
ik bin hjir net  
ik bin hjir net

Oan de kime krûpt in stoarm  
ûntsnapt noch krekt op tiid  
o, kom doch tichterby  
stoarm stek op  
kom tichterby  
waai wyn, waai  
en raas en raas en raas  
lang om let komt de hoarizon op my ta  
stoarm stek op  
kom tichterby  
raas stoarm, raas  
waai wyn, waai  
en nim my op  
blaas my fan myn sokkel  
begraaf my yn de wolken  
ferpulverje myn stiennen hert  
strymje myn deade hûd  
en nim my no apart

En as se dan lizzen giet  
as se einlings útraasd is  
as de stilte wer delkaam is  
en alles is fergien  
en ek de stoarm yn my  
ophâldt te bestean  
komt der dan miskien  
miskien, miskien  
in nije leechte  
en in nij begjin?



## SÊNE 2 – Opnij begjinne

*(De lege kafeeromte fan it doarpshûs. Allinnich de bar stiet der noch en in ferdwaalde stoel. Sjoukje, in frou fan tsjin de 40, dy't njonken it kafee wennet, faget muoisum – se is swier – mei feger en blik de diggels mei stikken apeltaart fan 'e flier en giet dan ôf nei de keuken. Fuort dêrnei hearre we hoe't Remco Wassenaar mei muoite de foardoar iepen kriget. Hy komt op, folge troch Simone. Wassenaar is in glêde jongkeardel fan ein tritich yn in oerhimd en hat in mapke of tablet by him. Simone is begjin fjirtich, oantreklik, selsbewust, mar ek praktysk. By de rûnlieding is se tige opmerksum, besiket foar harsels in ynskatting te meitsjen, mar observearret ûnopfallend ek Wassenaar, dy't stikem wol sjarmearre is fan Simone.)*

WASSENAAR U moet er natuurlijk wel rekening mee houden dat het pand al drie maanden leeg staat. Er is hier sindsdien niemand meer geweest. Er is geen onderhoud meer gepleegd, niet schoongemaakt, dus vandaar dat het misschien een beetje muf ruikt.

SIMONE Ik vind het wel meevallen.

WASSENAAR Dat dacht ik ook. En als zo'n ruimte helemaal leeg en kaal is, dan oogt het ook kleiner dan het in werkelijkheid is. Dat is een optisch bedrog waarvan de meeste mensen zich niet bewust zijn. Die denken als iets leeg is oogt het ruimer dan wanneer het vol staat, maar de leegte maakt het juist kleiner.

SIMONE Ik vind het wel meevallen.

WASSENAAR Mooi. Nou, u herkent het wel van de foto's neem ik aan. Dit was dus de gelagkamer, met daar de bar en daar de deur naar de keuken. Professionele keuken. Gaan we zo dadelijk even bezien. Daar is de trap naar boven.

SIMONE Ik zie het.

WASSENAAR Met het woongedeelte, ruime woonkamer, drie slaapkamers en de natte cel.

SIMONE 'De natte cel.'

WASSENAAR Wat zei ik?

SIMONE Waarom zijn de vorige bewoners eigenlijk vertrokken?

WASSENAAR Dat durf ik niet een twee drie te zeggen. Ik vermoed dat.. Ja, het is natuurlijk toch een klein dorp, Randum. Met vijf- zeshonderd inwoners kun je in de horeca moeilijk een rendabele bedrijfsvoering voeren. Maar goed, u komt zelf uit de horeca-wereld heb ik begrepen, dus dat hoeft ik u niet te vertellen.

SIMONE Nee hè?

WASSENAAR Maar als u rust en ruimte zoekt voor een bescheiden prijs dan is dit natuurlijk een ideale plek. Als u de bar hier weghaalt en in de achtermuur een groot raam laat inbouwen dan kunt u hier een fantastische living realiseren. Met uitzicht op de vrije natuur.

SIMONE Horen weilanden bij de vrije natuur?

WASSENAAR Nou, in zekere zin.

SIMONE *(mei aksint)* Prate jo Frysk, as ik freegje mei?

WASSENAAR Niet ... zo vaak. Mijn moeder was Friestalig, maar later ... ach. Het is niet zo handig in mijn werk. Mar jo dus wol, begryp ik.

SIMONE Net echt. Mijn pake en beppe kwamen uit Friesland. Dus als we als kind hier op vakantie waren dan leerde pake ons Fries. 'Bûter, brea en griene tsiis.' Dat werk.

WASSENAAR Aha. Dat zegt mij dan weer niet zoveel. Maar leuk. Als je hier woont is dat natuurlijk mooi mee genomen. Friezen vinden dat prachtig. Dus.. 'back to the roots' zal ik maar zeggen?

SIMONE Nou nee. Ik ben geboren en getogen in Amsterdam. Eerder een nieuw begin.

WASSENAAR Aha. U gaat hier... alleen wonen?

SIMONE U bedoelt: 'zonder heer'?

WASSENAAR Nou.. uh.. ja.. ik bedoel..

SIMONE Nee, met heer. Eentje. Van veertien.

WASSENAAR O?

SIMONE Mijn zoon Ruben.

WASSENAAR Aha.

SIMONE Met zo'n heerschap lig je bij de andere heren wat minder in de markt, maar daar zit ik niet zo mee.

WASSENAAR O zo. Ja ja. Nee nee.

*(Op dat stuit klinkt út de keuken wei it lûd fan in pantsje dat oan diggels falt en in yslke gjalp. Wassenaar en Simone sjogge inoar kjel oan. Wassenaar giet nei de keuken, mar kriget de doar tsjin 'e noas at Sjoukje it kafee ynstoarmet. Om't Sjoukje heech swanger is giet dat net sa fluch.)*

SJOUKJE In rô! In rô!

*(se fljocht nei de iennige stoel, set 'm oerein en klimt der mei muoite boppe op)*

SJOUKJE O, hallo. Nim my net kwea ôf. Dêr sit in rô. Hy rûn dy kant út. Sa'n bist. Sorry hear. Jo binne hjir om it kafee te besjen? O godskes noch oan ta. Ik kin net oer rotten. Ik kin in soad ha. Jarre, deade skiep, misgeboartes fan keallen – kin my neat skele. Mar gjin rotten. Ut noch yn gjin rotten. En ek gjin mûzen.

WASSENAAR Mevrouw, hoe komt u in dit pand?

*(der flocht wat oer de flier)*

SJOUKJE *(se raast)* Dêr rint er! Dêr rint er! Dêr! Hy sit achter de bar!

*(Wassenaar en Simone skrikke en witte net sa goed wêr't se rinne moatte. Dan giet Simone fluch nei de keuken en komt even letter werom mei in biezem. Wylst Wassenaar Sjoukje yn 'e gaten hâldt om te sjen wêr't er rinne moat, giet Simone achter de rô oan en ferjaget 'm nei de keuken. Even letter komt se werom út de keuken)*

SIMONE Hij is naar buiten. Ik heb de achterdeur open gezet.

SJOUKJE O, god sij tank. Hèhè ... efkes bekomme.

WASSENAAR Mevrouw. Ik zou het op prijs stellen als u mij vertelt wat u hier doet.

SJOUKJE Bisto net ien fan Wassenaar? Nee, dat mist my net. Remco no? Ik ha dy noch sjoen yn 'e koarte broek. Ik hie doe ferkearing mei dyn âldste broer. Dat wie gjin súkses. Hoe is 't mei jim heit? Hat er noch altyd lêst fan de plasser? Ik bin Sjoukje de Boer, fan hjirnjonken. Witst toch wol dat ik in kaai fan de achterdoar ha? Der moat toch ien de boel hjir wat yn 'e gaten hâlde.

WASSENAAR Nee, daar was ik niet van op de hoogte.

SIMONE Zullen we haar er even af helpen?

*(Sjoukje hinget Simone om 'e hals as dy har fan 'e stoel helpt. Wassenaar assistearret ûnhandich. Sjoukje wurdt op 'e stoel delset)*

SJOUKJE Hè, hè. Ik sit. Pffh.

SIMONE Zal ik mij even voorstellen? *(jout Sjoukje in hân)* Simone van Dam.

SJOUKJE Au!

SIMONE *(lûkt har hân fluch werom)* Sorry. Heb ik u pijn gedaan?

SJOUKJE *(wiist op har búk)* Nee, dat is dy dêr. It sil my net vernuvere as it der twa binne.

SIMONE Och heden.

SJOUKJE En dat se no al spul hawwe.

WASSENAAR Goed. Zullen wij verder gaan mevrouw Van Dam? Ik heb hier straks nog een gegadigde.

SJOUKJE Hjir? Der hat hjir yn it heal jier dat it leech stiet noch gjin kop west foar dit krot. En no ynienen twa? *(tsjin Simone)* It is gewoan in trúk, hear. Typyske makelderstrúk om de priis op te driuwen. Ik wol my der net mei bemuoie hear ...

WASSENAAR Doe dat dan ook niet.

SJOUKJE ... mar wêrom soe in leuke frou as dy... – of sit der noch in man oan dy fêst?

SIMONE Nee, alleen Ruben, mijn zoon. Hij is veertien.

SJOUKJE ... yn dizze úthoeke yn fredesnamme in kroech begjinne wolle? Randum is in moai doarp, hear. Leave minsken. Op in pear nei. Meie graach in slokje. En ja, dan ha se noch alris spul. Dit binne ek echte Randumers. *(wiist op har búk)*

WASSENAAR *(mismoedich)* Mevrouw wil geen café, ze wil hier wonen. Mooi, ruim, rustig. Zonder dat de buren je voortdurend op je lip zitten. Maar dat kunnen we nu wel vergeten denk ik.

SIMONE Meneer Wassenaar, ik heb een besluit genomen.

WASSENAAR Dat is dan jammer.

SIMONE Ik heb –

*(it mобыltsje fan Wassenaar giet)*

WASSENAAR Neem me niet kwalijk. Ik moet deze even nemen. Wassenaar. Ja. Nee. Geen sprake van. Haal er eerst vijftig af en dan eventueel nog tien. Verder wenst de verkoper onder geen beding te gaan. Nee, dat weten zij niet. *(hy rint pratendewei fia de keuken nei bûten ta)*

SJOUKJE Spitich, ja. Tige spitich. Mar wol ferstannich.

SIMONE Buorfrou Sjoukje! Ik keapje it! Ik keapje it! Ik keapje it!

SJOUKJE Wier?

- SIMONE Nee hier! Dit hier! En ik maak er een café van waar het hele dorp komt. Ik heb al een naam: 'De Greide Kroech'. Met daar een nieuw podium en daar een vergaderruimte. En avonden voor jongeren. Een middag voor ouderen. Een ochtend voor vrouwen. Ik heb het allemaal al lang en breed berekend. Het kan uit. Het kan. Als ik een ton er af krijg kan ik de boel verbouwen en zing ik het minstens een jaar uit.
- SJOUKJE In nij kafee. Dat soe geweldich wêze foar it doarp. Mar hoe bist der sa wis fan?
- SIMONE In Amsterdam heb ik vijf kroegen gerund. Omzet berekenen, klantgebied bepalen, onderhandelen met de brouwerij. Ik had het in mijn vingers, tot ik me over de kop werkte. Ik wil dit hier. Een nieuw begin. Kletsen met de klant. Iets doen voor de buurt. Een dag vrij. Tijd voor Ruben. Tadadiedeljee.  
*(se dûnset troch it kafee)*
- SJOUKJE Mar hoe krigest dy ton derôf by Remco?
- WASSENAAR *(komt krekt werom)* Welke ton? Waar af?
- SIMONE *(nimt 'm mei yn har dûnske)* Ik koop het! Ik koop het! Een ton eraf en hier komt de mooiste, leukste kroeg van Friesland.
- WASSENAAR Een ton eraf? Een ton eraf? Dat zal niet gaan. Daar stemt de verkoper nooit mee in. Tien misschien of twintig. Maar echt geen honderd.
- SIMONE *(bliuwt stokstijf stean, mar hâldt Wassenaar fêst)*  
Luister Remco Wassenaar. De trap kraakt, de vloer is rot, de keuken is aftands en de ratten rennen door de kieren en de gaten. Zes maanden is hier geen kandidaat koper geweest en die komt hier de komende zes maanden ook niet. Ik kan wachten, maar jij hebt geen keus.
- WASSENAAR Praten kan altijd. Maar ik geef u weinig kans.
- SIMONE *(rint fuort, knypeaget en stekt de tûme op nei Sjoukje, sûnder dat Wassenaar it sjocht)* En nu moet ik Ruben ophalen. Dag buurvrouw! Tot later!  
  
*(Wassenaar sjokt achter Simone oan nei bûten. Sjoukje giet mei muoite oerein en slofket ek ôf)*
- SJOUKJE Oant sjen, buorfrou Simone. Au, au! Rêstich jim!

### SÊNE 3 – Ferbouwing, ferhuzing, iepening

*(Alle spilers dogge mei yn dizze sêne se ferbouwe, fervje, ferhúzje, helpe mei de ynrjochting, komme yn 'e kunde meielkoar, uterje harren bewûndering of twifel en heffe as lêste it glês by de iepening. Dy hannelingen binne faak tagelyk of hiel fluch nei elkoar. Spilers geane ôf en komme it folgjende momint yn in oare rol wer op. De teksten binne fan ferskillende kanten út lûdsprekkers te hearren, mar selden tagelyk mei de hanneling. Under de hannelingen 'mime' de spilers de tekst. It gehiel jout in licht gaoatyske yndruk fan in soad drokte en aksje yn in rap tempo. Sjoerd helpt ek mei en Simone falt him op as in bysûndere frou. Sy sjocht him net, hy har wol. Sjoukje is net mear swanger en draacht in lytse poppe op 'e búk.)*

- a) *(makelder, mei blommen:)* Jo binne in taaie, mefrou. / Mar net in âlde taaie hooplik.
- b) No hie 'k sa tocht: hjir de bar, dêr in fergaderseal en dêr it toaniel / *(Ruben:)* En hier een discovloer!
- c) Ik kin it wol tichtkitsje, mar dan sitte jo der oer in jier wer mei. / Dat sjogge we dan wol wer.
- d) *(boppe it lawaai fan de boarmasine út)* Dat gat moat oan dy kant!
- e) Dat is net bêst, wyfke / Dat sizze jim altyd.
- f) At hja dy tegels net leverje, kin ik ek neat dwaan. / It komt klear, mefrou, it komt klear / Ja, ja. Mar wannear komt it klear?
- g) Dêr stiet doch dúdlik: NAT.
- h) Dat sjocht der al hiel oars út, of net dan? / *(Simone:)* Hiel of heel, bolle of bôle? God wat is dat Frysk droog, eh dreech.
- i) De Greide Kroech – wa betinkt soks?
- j) Wêr moat dit komme? / Dy kant út. / Oan 'e kant! Oan 'e kant! / Stean ik yn 't paad?
- k) Au! Au! / Wêr binne de pleisters? Pleisters, pleisters, pleisters!
- l) Brekber? Wêr stiet dat? / Hjir, oan de ûnderkant.
- m) Helpst my even mei dy slingers?
- n) Dat sjocht der kreas út. / Wa hie dat oait tinke kind. / Prachtich, prachtich, prachtich
- o) *(foarsitter:)* Einlings hat ús doarp wer in plakje der 't we terjochte kinne. / Jo binne ús rêding / Ik hoopje sa dat jo it hjir oprêde.
- p) Hast dat nije biljert sjoen? Koe minder. / Wat tochst? Twaddehânsk no. / Komt fan Damwâld, dêr is it doarpshûs krekt ticht. / De iene syn dea is de oare syn brea.
- q) No, ik moat noch sjen dat dit wat wurdt / Dy kin hjir noait aardzje / Se sil wol moatte. Wy binne har klanten.
- r) Hat se net in man? / Net dat ik der wat op tsjin ha, mar se koe wol op froulju falle / Dat bern komt oars doch earne wei. / Miskien in ûngemakje?
- s) De Vries en dy ha it hjir net oprêden, hoe soe sy dat dan wol kinne? / Miskien hat se noch oare ynkomsten. In wietplantaazje ûnder de flier / Of in winkeltsje ûnder de skelk. *(laitsje)*
- t) Sjoch op dit plak hat ús pake noch in gouden horloazje krigen, doe't er kening waard / *(Ruben:)* keening? / koning / koning?
- u) Jonges, hjir is drinken foar jim!
- v) *(Simone:)* Praat mar Frysk, hear! / Mefrou, it is mei sizzen net te dwaan / *(S.:)* Wat zeggie? / *(R.:)* Datst it sjen litte moast. / *(S.:)* Oan him?

- w) De Kommissaris fan de keninginne hat hjir noch west yn 1948, mei de alvestêdetocht. / Ja, mar dy wie doe ferkeard riden.
- x) Dan hiene je dêr 'de Wiko's' en hjir de dûnsflier. / It foarspul foar hiel wat berntsjes is hjir begûn, om it sa mar te sizzen.
- y) Soe de boargemaster net komme om de boel te iepenjen? / Ja, mar dy is ferkeard riden.
- z) Kees Zwart hat him grif de ferkearde kant útstjoerd.
- aa) Is alles klear? / Is alles klear? / Ja hear. Alles is klear! We kin' los!

*(oan alle drokte komt nochal hastich in ein as iderien mei in glês yn 'e hân yn in rûnte om Simone en Arend de Jong, de foarsitter fan Doarpsbelang, stiet. Stilte)*

AREND DE JONG Frou Van Dam, ik tink dat ik út namme fan it hiele doarp sprek as is ik sis:

ALLEGAR Wolkom yn Randum!

SIMONE Dank jullie wel! het eerste rondje is van de De Greide Kroech!

ALLEGAR Tsjoch!

*(sjongendewei en yn polonêze giet iderien ôf)*

#### SÊNE 4 – Wa is dy jonge?

*(In wike as wat letter. Ruben sit oan in tafel yn it kafee om syn húswurk te meitsjen. Hy lêst in skript. Boppe is Simone oan it stofsûgjen, se ferdwynt yn har eigen keamer, mar it lûd is noch goed te hearren. Even letter giet se nei de keamer fan Ruben. Buorfrou Sjoukje komt mei in seker entûsjasme binnen)*

SJOUKJE Hoi Ruben. Is jim mem der ek?

RUBEN *(makket in bûging)* "Mijn god!  
De zon verbleekt op deze schitterende lentedag nu al haar stralen op haar gericht zijn. Mijn knieën knikken, mijn hoofd duizelt en alles om mij heen wordt zwart. In deze diepe nacht straalt slechts een enkele ster aan het firmament, de hare. Alles wat kleur heeft is uitgedoofd en bloost alleen nog op haar wangen. Zelfs de kerkklok zwijgt bij het horen van haar lichte tred en de wind ruist alleen nog in het ritselen van haar rokken. Hoe spreek ik haar aan?"

SIMONE Ruben!! Je zou je rotzooi opruimen!

RUBEN "Gaaf u ter kerke, schone maagd?" 'Ter kerke?'

SJOUKJE Maagd? Ikke?

RUBEN En dan terzijde: "O, dat zij het was, die al mijn zonden weg kon wassen."

SJOUKJE Dus jongeman. Bist by it toaniel tsjintwurdich?

RUBEN Jongeman? Ouwe lul zul je bedoelen. Ja, ik zit op de Jeugtheaterschool, wist je dat niet? We gaan misschien een stuk doen van Faust. Hoe heet het ook al weer? Goethe! O, nee dat is de schrijver. Nou ja, een bewerking natuurlijk want deze ouwe meuk is niet te pruimen.

SJOUKJE En wa spilesto?

RUBEN Ik hoop dat ik die ouwe lul wordt die dat jonge meisje versiert. Hij heeft een deal met de duivel gemaakt, zodat hij alles kan krijgen wat hij hebben wil en dan verleidt hij haar met mooie praatjes en als ze dan zwanger is laat hij haar barsten.

SJOUKJE De skoft.

RUBEN Precies m'n vader, zeg maar. Als 'ervaringsdeskundige' ben ik geknipt voor die rol.  
*(boppe hâldt it lûd fan de stofsûger op. Simone komt út Ruben syn keamer wei en smyt syn guod fan 'e trep ôf)*

SIMONE Ruben Meijer! Jij zou gisteren dat stinkhol van je opruimen. Dat heb je beloofd en je hebt er geen moer aan gedaan. Hoe moet ik hier nou zuigen? O. Hallo Sjoukje.

SJOUKJE Hallo.

RUBEN Niet mijn skateboard! Niet mijn skateboard! Die heb ik van papa gekregen.

SIMONE Ik heb je gewaarschuwd. Als jij je rotzooi niet opruimt, dan flikker ik het gewoon weg.

RUBEN Niet doen. Verdomme! Stom wijf. Ik haat je.  
*(fljocht mei it skateboard de trep op en smyt mei in klap de doar fan syn keamer achter him ticht)*

SIMONE Oh nee... Sorry.

SJOUKJE O, komt my hiel bekend foar. Us Jenny wie ek sa.

SIMONE Ik pak het ook helemaal verkeerd aan. Ik moet hem niet zo op z'n huid zitten. Hij heeft het al zo moeilijk op school en hier is het allemaal nieuw en anders voor hem. Ik moet contact met hem houden.

SJOUKJE Jaah, krekt. Dat is 't.



SIMONE        Waar kwam je eigenlijk voor?

SJOUKJE        No, ik ha goed nijs foar dy, tink ik.  
  
*(Op dat stuit barst alderheislikst lûde heavy metal muzyk los yn Ruben syn keamer.)*

SIMONE        O ja? *(negearret de herje)* O JA?

SJOUKJE        We sille in frouljuskoar oprjochtsje!

SIMONE        Wat voor oor? Ik hoor het niet. Ruben, zet die teringherrie zachter!  
  
*(Simone is nei ûnderen rûn. De muzyk hâldt abrupt op)*

SJOUKJE:        *(raast)* In frouljuskoar!  
*(de muzyk begjint wer. Sjoukje raast der oerhinne)*  
Baukje, Tineke en ik sille in koarke oprjochtsje foar alle froulju, foar fleurige, mar ek foar oerspande húsfroulju. Foar boerinnen, duobaansters, mantelsoarchsters – en froulju fan boppe de 40, dy't der út moatte. Even in kiel opsette. Froeger neamden we dat plattelânsfroulju, mar dy term is besmet. De measten ken ik fia myn wurk. En we wolle hjir oefenje, ast it goed fynst. Dan hast wer wat ynkomsten.

SIMONE        Natuurlijk! wat geweldig. Wat doe je dan voor werk?

SJOUKJE        O, ik wurkje as konsulinte by it Agrarisch Centrum Noord Nederland. Stress genôch, dus ik wol der wat leuks by dwaan. Lekker de soargen fan my ôf sjonge.

SIMONE        Sjoukje, jij bent mijn steun en toeverlaat. Zonder jou zou ik het hier niet redden.  
*(ze geeft haar spontaan een zoen. Op dat moment komen Geart en Sjoerd binnen)*  
En nou heb ik er genoeg van. *(Simone rent naar boven)*  
Ruben! Zet die pokkeherrie uit of ik trap de deur in!  
*(spreekt zich zelf toe)* Nee Simone. Nee Simone. Nee Simone.  
Ruben, ik heb bezoek. Sjoukje en ik kennen nog geen gebarentaal, maar we gaan het leren. Please? *(muziek iets zachter)* Dan maak ik vanavond patat voor je, met frikandel. *(muziek harder)*  
Nee Ruben, ik wil je niet omkopen. Ik wil alleen contact met je. *(muziek nog harder)*  
Argh! Rotjong! *(muziek knalhard)* Rotjong, rotjong, rotjong!  
Nee Simone. Nee Simone. Niet doen.  
  
*(muziek plotseling uit. Iedereen wacht in spanning, een tijdlang gebeurt er niets. Dan doet Ruben de deur op een kier)*

RUBEN        Twee frikandellen. *(docht de doar wer ticht)*

SIMONE        Oké oké oké. Mag je moeder een zoen van je? Nee natuurlijk *(schreeuwt)* En ruim verdòmme die troep op. *(rint werom, sjocht no Geart en Sjoerd pas.)*

Heren! Waarmee mag ik u van dienst zijn? Kopje koffie? Voor pils is het nog wat te vroeg.

GEART Eh, ja. Sjoch, it sit sa ... – Wie Sjoukje net earst?

SJOUKJE Bist al iepen dan?

SIMONE Nu wel.

GEART No, we binne noch oan 't wurk. We wolle allinnich even wat freegje.

SIMONE Een kopje kofje kan toch wel? Van het huis.

SJOUKJE Sil ik even sette? *(giet al)*

SIMONE Er staat al een kan klaar in de keuken. Dankjewel Sjoukje. Je bent een engel. *(Sjoukje ôf)* Nou heren, zeg het eens.

GEART No sjoch, it sit sa. Sjoerd en ik en Bart en Nynke van der Veen, we sitte yn in bandsje, 'The flying cows'. En we wolle hjir graach oefenje. Mar we ha gjin jild.

SIMONE The flying cows? Wat een leuke naam. En jij bent?

GEART Geart. Fan de molen.

SIMONE Geart van der Molen.

GEART Nee. Geart Bruinsma.

SJOERD Fan by de molen.

SIMONE O, op die fiets. Dus, Geart, jullie wilden ...

*(in donderjend geraas út 'e keuken wei. We hearre in gjalp fan Sjoukje)*

SIMONE 'Tel uw zegeningen. tel ze één voor één.' *(roept richting keuken)* Geeft niks, Sjoukje. Ik wou toch andere kopjes kopen.

GEART Ik help har wol even. *(ôf)*

SIMONE *(diepe zucht)* Sorry hoor, ik moet even bijkomen.

*(Se wiist nei boppe, dan nei de keuken; wappert mei har hannen, slút har eagen en asem t hiel stadich út. Sjoerd sjocht fascinearre nei har. Se fielt it ynienen, iepent har eagen en sjocht rjocht yn dy fan him. Glimket trapearre.)*

SJOERD Hoi.

SIMONE Hoi. Jij bent Sjoerd.

SJOERD Hoi. Do bist Simone.

SIMONE Ik heb in Amsterdam vijf café's gerund als bedrijfsleider, maar een puber opvoeden overtreft alles.

SJOERD Ik fûn dy muzyk oars wol te gek.

SIMONE Te gek? Als je er geen gehoorbeschadiging van krijgt dan sterven je hersenen wel af. *(Sjoerd maakt een relativerend gebaar)* Of maken jullie ook dat soort muziek?

SJOERD Net mear sûnt Nynke by de band is. It is no wat softer.

SIMONE Aha. The female touch.

SJOERD Wat?

SIMONE De vrouwelijke ... hoe zeg je dat? Inbreng.

SJOERD Ynbring?

SIMONE Ja. *(pauze)* Hoe zeg je dat op z'n Fries?

SJOERD Ik soe 't net witte.

SIMONE Nou ja. *(pauze)* Er zit wat bij je oor daar.

SJOERD Oh dat...

SIMONE Mag ik eens zien? *(ze staat op en bekijkt de plek van dichtbij)*

SJOERD It is in groede.

SIMONE Een wat?

SJOERD 'n litteken.

SIMONE Ah. Dat blijft je hele leven. *(ze strijkt er even over met één vinger)*  
Ik dacht dat het een strootje was.

SJOERD *(even stil)* Doe't ik tsien wie, bin ik in kear yn it stikeltried hingjen bleaun.

SIMONE Auw!

SJOERD Foel wol ta. It is al sa lang lyn.

SIMONE Hoe oud ben je nou dan? Ik bedoel eh ... – wat doe je voor werk? Of zit je nog op school? Nou ja, wat vraag ik nou? Dat hoef ik toch niet te weten?

SJOERD Nee.

SIMONE Nee. *(pauze)* Ik heb ook een litteken.

SJOERD Ja?

SIMONE Ja. Van het paard gevallen.

SJOERD O.

SIMONE Met gymnastiek. Toen was ik acht.

SJOERD O ja? Sloech it op 'e rin?

SIMONE Jij gelooft mij niet, hè. Wil je het zien? *(gaat staan)*

SJOERD No huh...  
*(se sjogge inoar oan, even stil)*

SIMONE Dat hoef jij dan weer niet te weten.

SJOERD In oare kear graach.  
*(Simone giet wer sitten. Se sjogge inoar oan. Glimkje nei elkoar)*

SIMONE Afsproken. Wat een raar gesprek hebben wij eigenlijk.

SJOERD Nochal ja. Praatst altyd sa?

SIMONE Nee, helemaal niet. En jij?

SJOERD Ik wol.

SIMONE O. Zo. Dus ... een band. *(pauze)* Wat speel jij?

SJOERD Wat tinkst?

SIMONE *(tinkt nei)* Uhm.. Bass?

SJOERD Jo meie troch nei de folgjende fraach.

SIMONE Speel eens wat.

SJOERD *(sjocht ûnder de stoel)* Neffens my ha 'k myn gitaar fergetten.

SIMONE Gewoon luchtgitaar.

SJOERD O ja. Uh ... even stimme. Tom, tòm, tom. Komptie.

*(Sjoerd spilet 'luchtgitaar' en bromt der in bassritme by. Nei in stilte yn it ritme hearre we miskien it lûd fan in echte bass derby. Dat stoppet foardat Sjoerd syn 'solo' ôfmakket)*

SIMONE Mooi ... !

*(Se sjogge in skoft nei elkoar, ûnferweechlik, mei in glimk, oant Sjoukje en Geart opkomme. Sjoukje mei in kanne kofje en in pak kofjemolke)*

SJOUKJE En dan is der kofje.

*(Geart folget mei in blêd mei kopkes. Sy stroffelet oer de stofsûgerslange. De kopkes falle.)*

SIMONE Ik heb ook nog van die kartonnen bekers.

SJOERD Wacht mar. *(Hy rommet mei Geart de rommel op en tegearre geane se nei de keuken)*

SIMONE Wie is die jongen?

SJOUKJE Geart? In rûchhouwer, mar..

SIMONE Nee, die andere.

SJOUKJE Sjoerd Swierstra? Fan Romke en Geke. Goeie jonge. Hy hat it bedriuw fan syn heit oernaam. Dy hat ferline jier in ûngelok hân.

SIMONE Wat voor bedrijf?

SJOUKJE Under syn eigen trekker kaam. Dy litte se dan stasjonêr draaie, wylst se even nei in mankemint sjen wolle. Dat sjochst sa faak. *(suchtet)* Wat seist?

SIMONE Wat voor bedrijf?

SJOUKJE Melkfee fansels.

SIMONE Ja natuurlijk. Dus ... Sjoerd ...

*(tsjuster)*

## SÊNE 5 – Praat op 'e dyk

*(Romke strompelet muoisum nei in bankje mei útsicht oer it lân. Yn de fierte sjokt in rige kij foarby. It lûd fan in trekker is te hearren, dan it swypkjende lûd fan de ynpakmasine. At Romke by it bankje is, is it stil. Hy hâldt it fêst mar giet net sitten. We hearre syn stim fia de lûdsprekkers. Mooglik giet de tekst healwei oer yn in liet dat song wurdt troch Nynke.)*

ROMKE        Dit is it lân dat my fuortbrocht hat  
                  dit is it lân dat myn fuotten draacht  
                  dêr't ik op krûpte, rûn en draafde  
                  dêr't ik op lei mei myn leafste yn 't hege gers

Dit is it lân dat my fuortbrocht hat  
dat ik yn repen snien ha  
dat ik bedonge en keal fretten ha  
Dit is it lân, wêrfoar't ik om rein bidden ha  
dat ik ferflokt ha, slein en ôfmêde

Dit is it lân dat my alles jûn hat  
en dat alles fan my naam hat  
dat my iten joech, my falle liet, yn stikken bruts  
Dit is myn ierde, myn grûn, myn grêf

*(Oan 'e ein giet Romke op it bankje sitten, mar giet dalik wer oerein as er Arend de Jong oankommen sjocht, dy't flink de sokken deryn hat, tas ûnder 'e earm)*

AREND        Ah, Swierstra. Even yn 't waar sjen? Hoe is 't jong?

ROMKE        Och ...

AREND        Alles goed thús?

ROMKE        Och ...

AREND        En de buorkerij?

ROMKE        Och ja.

AREND        Sjoerd hat der wol slach fan, tocht ik.

ROMKE        Jawol. It is in goeie jonge.

AREND        En de frou rêdt it ek wol op?

ROMKE        Jawol.

AREND Mar jo misse it wol?

ROMKE Och. Men moat it nimme sa't it is.

AREND Jawis jong.

ROMKE Ja.

AREND Moai datst no ek yn it bestjoer fan Doarpsbelang sitst.

ROMKE Je moatte wat, no?

AREND It makket it foar my as foarsitter in stik makliker. Hast de stikken lêzen?

ROMKE No, ik bin net sa handich mei dy kompjûters.

*(Kees Zwart komt deroan op 'e fyts)*

KEES Goeie.

AREND Goeie Zwart.

ROMKE Goeie.

KEES Is it dy amtners fan 'e gemeente no hielendal yn'e plasse slein?

AREND Ja, ik hie it der niiskrekt oer mei Swierstra.

ROMKE O ja?

AREND Se binne fan doel om alle frachtferkear troch it doarp te ferbieden. Se wolle in rûnwei oanlizze by jim bûtenom, foar de molkwein. Mei jild fan de Europeeske Uny. En by it kafee komt dan in picknickplak foar fytsers en boatjesminsk en sokssawat.

ROMKE O Ja?

KEES Dat hat dat frommes út Amsterdam allegear bepankoekbakt ha 'k begrepen fan Donkerbroek syn broer. Se hat by de gemeente west. Dat mins.

ROMKE Hoesa dat?

AREND Se wol der in slaatsje út slaan: gjin frachtweinen mear troch it doarp, mar wol mear toeristen op 'e fyts, plus dy boatsjeboel simmerdeis. Dy kinne dan by har oanstekke foar in konsumpsje yn (*spottend*) 'De Greide Kroech'.

ROMKE Aha. Binne dat de plannen? Mar ... wat is der eins op tsjin?

KEES Snapst dat dan net Romke? Ik besykje hjir de holle boppe wetter te hâlden mei myn feeferfierbedriuw. Wêr moat ik mei trije frachtweinen hinne as ik se fergemy net op myn eigen hiem sette kin?

ROMKE Der sille se doch wol rekken mei hâlde?

AREND Dan noch. Ik wit net oft wy fan dit soarte fan dingen ferlet ha. Al dat frjemde folk op 'e dyk. It kostet in bulte jild en wat smyt it op?

KEES Se is ek mar ymport, moast rekkenje.

ROMKE Fansels. Mar ... no ja ... ik wit net.

AREND Se moatte neat fan har ha, hjir yn 't doarp. Der wurdt no al oer har praat. Kinst neigean.

ROMKE Wy prate doch ek oer har?

KEES Dat bedoelt er. Kinst neigean.

GEKE *(komt deroan op 'e fyts, hat in kruk by har. Tsjin Romke)*  
Hast Sjoerd ek sjoen? Der moat in ko kealje.

AREND Goeie Geke.

KEES Goeie Geke.

ROMKE Nee. Is er net yn 't lân?

KEES Neffens my sit er yn 't kafee. Ha 'k begrepen.

GEKE Wêrom rinst no wer de dyk op sûnder dat ding? Dat mei net fan dokter. *(se jout him de kruk, Romke suchtet)* En hast dat korset no wol oan?

ROMKE *(sêft)* Mins, lit my gewurde.

GEKE Moat ik dy aanst mei de auto ophelje?

AREND Ik bring 'm nei de gearkomste wol thús, Geke.

GEKE *(fytst fuort)* En sis tsjin Sjoerd dat der in ko kealje moat.

*(stilte)*

KEES Hoe is 't oars mei de foet, Romke?



ROMKE O, bêst. Poerbêst.

AREND Sille wy dy kant dan mar út?

*(De manlju rinne stadich ôf. Romke mei de kruk, Kees mei de fyts oan 'e hân.)*

KEES In nij biljert wol 'mefrou Van Dam'ek al net oantuge. Dat fynt se te djoer foar sa'n lytse biljertferiening. Ha 'k fan Bonnema begrepen. No freegje ik dy. We kinne sa net iens in toernoai organisearje. Nee, wy binne moai klear mei dat mins. En dan drukt se dit der aanst ek noch troch moast mar rekkenje.

AREND Ik ha ien fan de gemeente belle foar in taljochting op de plannen. Se wolle it yn elk gefal net trochsette as de minsken hjir der net achter stean.

KEES Wat sei er? Hâlde jim mar in foarljochtingsjûn yn it kafee om it doarp te ynformearjen? Mei gratis bier fan de bazin, tink. No dan wit ik it wol.

AREND Elkenien kin him dan doch útsprekke?

KEES Wat wolle we? In feeridersbedriuw dat al yn de nederklits sit, nei de barebysjes helpe? Of in pear ekstra kofjedrinkers foar dat frommes?

ROMKE Dan hoechst dy wier gjin soargen te meitsjen.

KEES Hoesa dat?

ROMKE Dan ha wy ommers in referindum. En by in referindum is de mearderheid altyd tsjin. Dus dan hinget it der mar fan ôf hoe't je de fraach stelle: 'Binne jim foar of tsjin dy madam út Amsterdam?'

KEES O sa. No, ik hoopje mar datst gelyk hast.

ROMKE Wy binne in folk fan bangeskitters en seurkonten.

KEES Hoe bedoelst? *(ôf)*

## SÊNE 6 – Opskuor yn de keuken

*(De keuken fan it kafee mei in keukenblok yn 'e midden en seis lossteande doarren op 'e achtergrûn: in doar nei it kafee, in doar nei de hal/feestseal, ien nei in fergadersealtsje, ien nei de foarriedkast, ien nei in ynrinkast en ien nei bûten. As de doar nei it kafee iepen giet klinke kafeelûden – muzyk, praterij, ensf. – dat dan abrupt wer ophâldt as de doar tichtgiet. Itselde jildt foar de fergaderseal, dêr't it bestjoer fan doarpsbelang sit en fan de feestseal dêr't earst de band en letter it koar repetearje.*

*Simone is tige drok dwaande mei it meitsjen fan hapkes of sokssawat, at Ruben mei in skript deryn komt. Hy slûpt achter syn mem del de foarriedkast yn. Wike Zeilstra, it famke dat bartsjinst hat, komt op út it kafee)*

WIKE            Freerk Smid woe bier ha, mar neffens my is hy noch gjin achttjin. En doe't ik om syn ID frege, rûn er lik fuort. 'Sa geane we net meielkoar om hjir yn't doarp'. Hy komt hjir nooit wer, sei er.

SIMONE        O, dat riep die vorige week ook. Hij probeert je gewoon uit, omdat je nieuw bent. Goed gedaan, Wike.

WIKE            Tankewol.

SIMONE        Heb je de witte wijn koud gezet?

WIKE            Oeps fergeffen. *(wol fuort)*

SIMONE        Hier, neem die bitterballen mee voor die jongens aan de bar. *(Wike wil af.)* Heb je Ruben ook gezien?

WIKE            No eh ... hy sei dat er Ruben net wie. Dat er Mefie ... Mefietsio wie of sokssawat en dat er him dêrom yn it tsjuster ferbergje moast. Ik sis mar wat ik heard ha, hear.

SIMONE        *(sucht)* Hij speelt de duivel. Ruben! Als de duvel hier komen!

WIKE            Guon dingen hjir begryp ik noch net hielendal.

SIMONE        Je doet het prima, Wike. Hij noemt zich ook 'de Vaderloze'. Ruben heeft gewoon wat aandacht nodig. Misschien kun jij hem eens ontmoagden?

WIKE            Ik? Heart dat by it wurk?

KLANT 1        *(yn de kafeedoar)* Wêr bliuwe dy bitterballen?

SIMONE        Ze zijn er al. Ga maar kijken.

*(Klant 1 draait 'm ferheard om. Wike rint achter him oan it kafee yn.)*

- KLANT 2 *(yn de doar nei de hal)* Is it húske hjir?
- SIMONE *(kijkt rond)* Volgens mij niet. Probeer de tweede deur rechts eens. Er staat op 'Húske'.
- KLANT 2 Ja, koe ik doch net witte. *(ôf)*
- (Wylst Simone trochwurket komme de froulju fan it koar fjouwer troch de haldoar. Achter harren komme Nynke en de oare bandleden: Geart, Bart, Nynke en as lêste Sjoerd. Fan dit momint ôf ferrint de dialooch yn in hieltyd rapper tempo. Troch de oanwêzigheid fan Sjoerd is Simone in bytsje fan 'e roai, mar se besiket de holle derby te hâlden.)*
- KOARLID 1 No ha we de hichte! Ha we om acht oere ôfsprutsen om hjir mei ús koar te repetearjen, stiet dêr dat bandsje fan Sjoerd en Nynke te repetearjen mei al dy bokseboel en dy fersterkers.
- SJOUKJE Ik bin bang dat der in dûbele boeking makke is.
- SIMONE Is Sjoerd daar dan?
- KOARLID 1 We ha in profesjonele, djoere dirigint. Dy is net om 'e nocht.
- KOARLID 2 Ik gun it dy bern dat se meielkoar wille ha, mar dy herje dy't se meitsje is doch net om oan te hearren.
- NYNKE Bern?
- GEART Herje?
- KOARLID 3 No, dat gejang fan ús is ek noch net om oan te hearren, hear.
- BART Hoesa, 'ek noch net'?
- SIMONE Maar Sjoukje, je hebt het toch zelf in het boek genoteerd. Het ligt in de kast.
- (Sjoukje docht de kastdoar iepen. Ruben jout har it boek, mar sy sjocht 'm net iens)*
- LEVERANSIER *(op troch bûtendoar)* Goejûn dames! Wat is it hjir gesellich! En wat ha we moai waar net?
- SIMONE Wat komt u doen?
- KLANT 1 *(yn 'e doar nei 't kafee)* Dy bitterballen smeitsje goed! Kin ik noch in poarsje krije?
- SIMONE Vraag het aan Wieke.

KLANT 1 Wike siket om jo soan, frou Van Dam.

LEVERANSIER Asjeblyft. Twahûndertfyftich oranjekoeken.

SIMONE Die heb ik helemaal niet besteld.

SJOUKJE *(mei de finger yn it ôfsprakenboekhat)* No, it kloppet wol; hjir stiet –

LEVERANSIER Sjoch ris oan.

SJOUKJE Ik bedoel hjir stiet: freed it dameskoar – en tongersdei The Flying Cows.

KLANT 2 Is it húske hjir?

KOARLID 1 *(trionfantlik)* No wat sei’k?

NYNKE It is hjoed tongersdei.

GEART It húske is dêr, twadde doar links. *(klant 2 ôf)*

LEVERANSIER *(sjocht op syn bon.)* It kin net misse, hjir stiet dúdlik Kafee ‘De Greide Kroech’.

KOARLID 1 De fiskboer kaam hjir krekt del. It is freed.

SIMONE Ik heb dat niet besteld.

SJOERD Lit ris sjen. *(besjocht de bon)*

BART Spylje we jûn noch of hoe sit dat?

SJOUKJE *(tsjin Geart en Nynke)* As wy no earst in oerke repetearte? Dan kinne jimme dêrnei.

SJOERD *(tsjin Simone)* Neffens my hat ien dy te fiter naam.

*(De oare koarleden/bandlede stimme yn of protestearje tsjin Sjoukje har foarstel: ‘jim kinne moarn repetearte. Wêrom sy no? Dat is doch gjin oplossing’, ensf. De leveransier protestearret mei krêftige stim tsjin Sjoerd syn útlis oer de faktuer: ‘It stiet hjir swart op wyt. Der is neat mis mei myn eagen.’ Yn dit drokke gekeakel komt Wike binnen om te sizzen dat se Ruben net fine kin. Tagelyk komme ek twa klanten binnen dy’t freegje om bitterballen en wêr’t it húske is. As lêste komt Arend út de fergaderseal.)*

AREND *(raast)* Kin it wat minder lûd? Wy sitte hjirnjonken te fergaderjen.

SIMONE *(goait in panne of soksawat op ‘e flier. It is in ien kear stil. Wylst Simone oarder yn de chaos bringt, flústert Sjoerd de s wat yn it ear.)*

Dit is mijn keuken. Iedereen eruit! Sjoukje: je hebt een fout gemaakt. Geef niet, maar regel het met je koor en de band. Wike gaat naar de bar. De bitterballen zijn op en het húske is NIET in de keuken. *(tegen Arend)* Jullie kunnen in alle rust verder vergaderen. Het spijt me van de overlast.

AREND Nee, dat is ynoarder. *(rint werom)* O ja, en Kees Zwart woe graach in stikje oranjekoeke by de kofje. Hast dat wol?

SJOERD *(abrupt)* Nee. Dy is op.

AREND O. No ja. *(ôf)*

SIMONE *(tsjin de leveransier)* En wat u betreft ...

LEVERANSIER Nee, nee, it is regele. Oant sjen.

*(leveransier ek ôf. As lêste wol Sjoerd achter syn maten oan.)*

SIMONE Wat heb jij gezegd?

SJOERD Wat? Wat bedoelst?

SIMONE Die tweehonderdvijftig oranjekoeken.

SJOERD Niks. Wie in fersin.

SIMONE Een vergissing per ongeluk? Of een vergissing express?

SJOERD Hoe moat ik dat witte?

SIMONE Ik kan mijn eigen boontjes wel doppen.

SJOERD No, lokwinske. *(rint fuort)*

SIMONE Sjoerd, wacht. Zo bedoel ik het niet. Er zijn er hier in het dorp een paar die niets liever zien dan dat ik kopje onder ga.

SJOERD Wit ik.

SIMONE Een hiervan zit hiernaast.

SJOERD Us heit sit hjirneist.

SIMONE Die bedoel ik niet. Ik bedoel ... – *(ze geeft hem snel een kus op zijn wang)*  
Toch bedankt.

SJOERD 't Is okee. *(hy faget yn in refleks de tút fuort mei de hân. Simone laket)* Wat is der?

SIMONE Je veegt mijn kus weg.

SJOERD Net wier.

SIMONE Ik heb je gezien. In het dorp. Op de trekker. Maar jij zag mij niet.

SJOERD Ik ha dy sjoen. Op 'e fyts.

SIMONE Wanneer?

SJOERD O, juster en earjuster. Do diest krekt oftst my net seachst.

SIMONE Houd je me in de gaten?

SJOERD Do hâldst my yn 'e gaten.

SIMONE Ja. Ik weet alles van je. Je bent pas afgestudeerd aan de hogere landbouwschool, of hoe dat heet. Je bent boer. Zo een voor dag en nacht. Je hebt je vader opgevolgd na een ongeluk. Je hebt wat met Nynke gehad. Je bent een echte cowboy, een koeienjongen.

*(op 'e achtergrûn klinkt it koar. It haperet hjir en dêr)*

SJOERD Dat hast fan Sjoukje. Sjoukje de lânboukonsulinte. Wat ik wit, ha'k sels sjoen.

SIMONE Wat heb je gezien dan?

SJOERD Datst dyn ... dyn hier opstutsen hast.

SIMONE O. En verder?

SJOERD Datst ... – de holle soms skean hâldst en dan fier fuort sjochst, mar datst eins neat sjochst.

SIMONE Aha.

SJOERD Dat dyn krage soms in stikje fan dyn hals ôf stiet. Datst twa fingers op dyn lippen leist, sa, ast nei my sjochst en dan tinkst dat ik dy net sjoch. Dat dyn eagen meastal kâld en hurd binne, mar dan ynienen net mear. Datst sa lekker gnize kinst en dat dyn mûle dan sa'n moaie krol wurdt, mar dat net ien dat sjocht.

SIMONE Behalve jij zeker.

SJOERD Ja.

SIMONE En wat leid je daar allemaal uit af?

SJOERD Datsto... – hjir bliuwe wolst, mar soms ek earne oars wêze wolst.

SIMONE O ja? Dat is anders ook wat ik bij jou zie.

SJOERD Net wier. *(wifellet)* Hoesa?

SIMONE Nee, je hebt gelijk. Wij lijken totaal niet op elkaar.

SJOERD Folslein net.

SIMONE Totaal niet.

*(even stil. Nei in lytse wifeling jout Simone him opnij in tût op itselde wang. Sjoerd fielt oan syn wang en leit dêrnei syn hân op har wang. Dan tutet se 'm op 'e mûle.)*

SJOERD Miskien dat ... op in bepaalde manier...

*(Se smoart him mei in nije tût. We hearre it koar op de achtergrûn.)*

SIMONE Wat? Wat... ?

*(No smoart hy har mei in tût dy't noch hertstochtlker is. Wylst se frije, giet de kastdoar iepen en slûpt Ruben fuort. As hy Wike yn de kafeedoar sjocht meneuvelet hy dat se fuortgean moat. Even letter komt Klant 1 op, folge troch Klant 2, dy't ek stil wer ôfgean. Dan komt Sjoerd syn heit troch de doar fan de fergaderseal mei in lege kanne kofje. Hy bliuwt ferbjistere stean, set dan de kanne del en rint gau werom. Simone en Sjoerd stake harren frijerij as it koar ynienen ophâldt.)*

SIMONE Kom vanavond terug.

SJOERD Hjir?

SIMONE Om één uur.

SJOERD Om ien oere. Simone, ik...

SIMONE *(legt haar hand op zijn mond)* Sst. Niet zeggen. Niet nu.

SJOERD Okee. *(rint fuort, draait 'm om)* It is better dat we dit noch net oan iderien fertelle.

SIMONE Waarom? We hoeven ons toch nergens voor te schamen?

SJOERD Ik skamje my net. *(tutet har)* Ik hâld fan dy, fan it momint ôf dat ik dy seach, wist ik it. Ik wit net wat it is.

SIMONE Ik wist het ook toen ik je zag. *(tútte him)* Ik weet ook niet wat het is. *(nije út)*  
Kom je na sluitingstijd?

SJOERD Ik kom, ik kom. Mar doch tink ik dat it better is dat we it foarearst stil hâlde. Kees  
Zwart fan Doarpsbelang wol dy hjir wei ha. Dy praat grif de foarsitter om. Fan ús heit  
wit ik it net. En ús mem ... dy sil der seker in probleem fan meitsje.

SIMONE Waarom? Omdat ik te oud voor je ben?

SJOERD Net allinnich dêrom. En Ruben?

SIMONE Die ziet dat soort dingen niet. Maar misschien heb je gelijk. Het blijft ons geheim.  
Wat ben je eigenlijk verstandig.

SJOERD 'Foar dyn leeftiid' bedoelst. Simone, der hoecht hjir mar ien doar iepen te gean, of  
do en dyn kafee geane yn 't doarp oer de tonge. Ik kin se.  
  
*(Se sjogge nei de doarren. Dan giet de doar fan de fergaderseal iepen. Sjoerd syn  
heit ferskynt.)*

ROMKE O, bisto it, jong? Ik moest fan mem sizze dat Tryntsje 23 kealje moat.

SJOERD Dat ha'k al regele mei Hylke, heit.

ROMKE Dyn broer kin dat net. Do bist boer.

SJOERD Ik moest hjir jûn oefenje.

ROMKE O. Ja, ja. Op dy fyts. No ja. Eh ... wat ik sizze woe. Frou Van Dam, Doarpsbelang hat  
kennis naam fan de plannen fan de gemeente. Mar dy wienen jo fansels al bekend.  
En no wolle we dy oan it doarp foarlizze. Kinne we op freed 13 maaie in seal krije?

SIMONE Vrijdag de dertiende? Ik denk het wel. *(kijkt in het boek)* Ja, de grote zaal is vrij,  
menear Swierstra.

ROMKE Lit dat menear mar fuort.

SIMONE Okee.

ROMKE *(súnstjes)* As jo it handich spylje, dan rêde jo it. *(ôf)*

SIMONE Je vader lijkt me een wijs man.

SJOERD Us heit is in skansearre man.

GEART *(fan achter)* Sjoerd! Wer bliuwst no?



*(Sjoerd en Simone tútsje inoar. Dan rint Sjoerd hastich fuort.)*

SIMONE Mijn god, Sjoerd! Sjoerd! Sjoerd! Sjoerd! Waarom hou ik van je? Waarom was je er twintig jaar geleden niet. *(herpakt zich)* Wat is dit voor bakvisgelul? Ruben!! Ruben waar zit je? Wike? Waar is iedereen?

*(The Flying Cows knalle los mei in lûd nûmer. Simone sjocht yn it kastje dêr't Ruben yn siet, rint dan de keuken út. Hast tagelyk komt Ruben op troch in oare doar mei in toanielskript yn 'e hân. Hy triuwt Wike foar him út, set har op in kratsje, triuwt har in mikser of sokssawat yn 'e hannen en giet dan op 'e knibbels foar har sitten, wylst er ûnfersteanbere tekst út it skript opleppelt en teatrale meneuvels makket, dy wol wat lykje op dy fan syn mem.)*

## SÊNE 7 – In famyljesaak

*(it middeisiten by de Swierstra's yn de wenkeuken, in wike letter. Geke is warber mei de pannen. Heit strompelet de keuken yn)*

ROMKE En? Wat seine se? Mei wa hast praat?

GEKE Mei De Vries. Hy is fan 'Bijzonder Beheer'.

ROMKE Bijzonder Beheer. Dus we steane ûnder kuratele.

GEKE Sa fier is it noch net.

HINKE-RICHTSJE *(sjocht om 'e hoeke fan 'e doar)* Wat ite we?

ROMKE Wat de pot skaft.

GEKE Reade koal mei appeltsjes en slafinken.

HINKE-RICHTSJE Ut de djipfries? En watfoar ierappels ha we derby?

GEKE Ik moast fanmoarn nei de Rabo. Fanmiddei komt der ien om de melkmasine nei te sjen, ik moat Sjoerd helpe mei it byfuorjen. Dus ja: út 'e djipfries. Sjoch es wêr't Sjoerd bliuwt. Ik ha him de hiele moarn noch net sjen. Wêr't dy tsjintwurdich úthinget.

HINKE-RICHTSJE *(Romke en Hinke-Richtsje sjogge inoar even oan)*  
Wa yt middeis no noch waarm? Dat is sá 2016.

GEKE Wa't betiid begjint, hat betiid honger. En rop Hylke ek. *(Hinke-Richtsje ôf)*

ROMKE Wy hiene noait útwreidzje moatten.

GEKE We hiene gjin kar. As de molkepriis mar twa sinten omheech giet, dan rêde we it op. Sjoerd wol der fyftich skiep by nimme. En hy seit dat er miskien fosfaatrjochten keapje kin.

HINKE-RICHTSJE *(ôf, raast)* Sjoerd! Wêr bist?! Hylke! It iten is klear!!

ROMKE Dit binne wer fan dy stevige jirpels, Bildstar? Moast Eigenheimers ha foar reade koal, dy bin' lekker blommich.

GEKE Do wolst alle dagen oare ierappels. Wês bliid dat hjir noch in grienteboer oan 'e doar komt *(set de pannen op 'e tafel)*

HINKE-RICHTSJE *(op)* Ik kin Hylke net fine. En Sjoerd ek net.

*(Se pakt de itensboarden fan Romke oer en makket de tafel klear. Geke set de pannen op tafel. Se geane alle trije sitten.)*

GEKE Hylke is oan it learen. Hy hat nije wike tentamens.

HYLKE *(komt drafkjendewei op, pakt in rekkenmasine en is wer fuort)* Ik kom deroan!

ROMKE Yn 'e fakânsje?

*(Ynienen docht iderien tagelyk de hannen gear en sjocht mei de eagen ticht yn it board. Nei fiif sekonden begjint it iten, wêrby't de pannen hieltyd trochjûn wurde.)*

HINKE-RICHTSJE Hylke moat kelner wurde.

GEKE Hoesa dat?

HINKE-RICHTSJE Dy sizze ek altyd: 'Ik kom deroan' at se fuortrinne. *(raast)* It iten is klear!!

HYLKE *(ropt)* Jahaaa! Ik kom!

SJOERD *(komt deryn en docht de klompen út)* Hoechst net sa te razen. Ik bin der al.

GEKE Hoe let wiest justerjûn thús? Ik ha dy net heard.

*(Romke en Hinke-Richtsje sjogge inoar koart oan. Sjoerd sjocht yn in panne.)*

SJOERD It stek by it spoar is stikken, heit. Dit binne wer fan dy stevige ierappels.

GEKE Ja dat binne stevige ierappels.

SJOERD Hoe wie it by de bank?

ROMKE Der ha wy it noch oer. *(se ite, stilte)* Dus, fyftich skiep, Sjoerd?

HYLKE *(komt deryn en skoot oan)* Dêr wie 'k al.

GEKE Wol 't wat mei it learen?

HYLKE 't Giet goed. Ik lêst in Amerikaanske stúdzje oer it rendabel meitsjen fan ekologyske boerebedriuwen.

SJOERD As it mar grutskalich is.

HYLKE Dit binne wer fan dy stevige ierappels.

GEKE Ja dat binne stevige ierappels.

HYLKE Ast ferantwurde buorkje wolst, ûntkomst net oan grutskalich.

HINKE-RICHTSJE Kinne we it no ris oer myn wurk ha?

SJOERD Do wurkest net, do sitst op skoalle.

HINKE-RICHTSJE Ik meitsje in wûrk-stik, ja? Oer drugs. No, dat is ek ... druk-druk-druk hear.

ROMKE Drokte bestiet allinnich yn dyn holle. Wa't gewoan rêstich trochwurket hat gjin lêst fan drok-drok-drok.

HINKE-RICHTSJE Doch net sa dom, heit. Ik bedoel drugs. Hard drugs, soft drugs. En dy heale apteek dy't heit it lêste jier binnen krigen hat, dat binne ek drugs.

GEKE Sa praatst net tsjin jim heit.

ROMKE Bêst. Goed. Ik ha it begrepen. Jim ha jim oer de kop wurke. En heit is oan 'e drugs.  
*(drokkende stilte. Sjoukje komt deryn, mei in tas fol papieren)*

SJOUKJE Folluk! O, jimme binne noch oan 't iten. Sil ik fanmiddei even weromkomme?

GEKE Kom der mar yn, Sjoukje. Fanmiddei ha'k gjin tiid.

SJOUKJE Wat is it hjir gesellich! Lekker ite, allegear.

GEKE Wolst ek noch wat ha? Der is genôch.

SJOUKJE No dêr sis ik gjin nee tsjin. *(Geke skept har op. Entûsjast)* Hmm! Dit binne fan dy lekkere stevige ierappels!

ROMKE Folle lekkerder as dy blommige Eigenheimers, no?

- SJOUKJE Dy binne sa gau smotsich, no?
- (Hinke-Richtsje, Sjoerd en Hylke sjogge inoar koart oan. Hinke-Richtsje hâldt har laitsjen yn at se de strange blik fan mem sjocht.)*
- GEKE Wolle jimme noch yochert?  
*(se set yochert en skaaltsjes op 'e tafel en rommet yntiid mei Hinke-Richtsje ôf)*
- SJOUKJE Wat moai dat ik jimme no in kear allegearre byinoar tref.
- GEKE Do hast Romke daliks hielendal foar dy allinnich. Sjoerd sil aanst oan't wurk mei de earste snee en Hylke sit foar in tentamen. En ik krij aanst in ûnderhâldsmonteur.
- HINKE-RICHTSJE En ik moat in wurkstik oer drugs meitsje.
- SJOUKJE No, jim ha it allegear mar drok-drok-drok. Mar omdat jimme der no doch allegear binne, soe ik graach even mei iderien derby prate wolle. Kin dat?
- GEKE Wêrom? Mei Romke wurdt it net better as dat it no is. En Sjoerd en ik ha de boel no aardich op 'e rails. Wy wurdearje it dat it Agrarisch Centrum ús sa holpen hat, benammen mei de fersekerings en de ferfangings en sa. En dat tankje we foaral oan dy, Sjoukje. Mar no wurdt it tiid dat we it fierder sels wer roaie.
- ROMKE Ierappels.
- GEKE Wat seist?
- ROMKE Dy roaist.
- SJOUKJE Sjoch. It is no in jier lyn dat Romke ûnder de trekker kaam. Trije operaasjes, refalidaasje, hy hat in hiele striid hân. En jim ek. Sjoerd naam it bedriuw earder oer as de bedoeling wie. Do hast ek nochal wat mear wurk op dy naam op 'e pleats, Geke. Mar dit earste jier, wie foaral in kwestje fan oerlibjen. No begjint it eins pas.
- GEKE Hoe bedoelst 'no begjint it pas'?
- SJOUKJE Romke hat fan syn sechstjinde ôf boer west, earst as boerefeint, letter foar himsels. Wat moat er no't it fysyk net mear kin? Op in stoel sitte en tasjen? Moasto altyd foar twa wurkje, Geke? Sjoerd is in echte boer, mar is hy der wol wis fan oft er dy ferantwurdlikheid oan kin? De measte jonges fan syn leeftyd hâlde harren mei hiele oare dingen dwaande. En Hylke, wat fynsto fan de situaasje, wat feroaret der foar dy? Troch it ûngelok fan Romke steane net allinnich de saken yn it bedriuw der oars foar, mar ek yn 'e húshâlding. It hat foar iderien konsekwinsjes, sels foar Hinke-Richtsje. Dêrom is it goed dat iderien him der oer útsprekt. Dan kinne we pas echt oan in lange termyn oplossing wurkje.

- GEKE Ik wit it net. Ik moat der neat fan ha, al dat gepraat. Feroarest der neat mei. 'Een mens moet doen wat de hand te doen vindt,' sei dûmny froeger yn tsjerke.
- SJOUKJE Jimme binne net de earste húshâlding dy't troch sa'n ramp troffen wurdt. Ik ha faak genôch meimakke dat de boer, syn frou en de bern dêrnei tochten: de kop derfoar, de bealch derop, de moedfearren net hingje litte.
- SJOERD Wat is dêr mis mei?
- SJOUKJE Op himsels neat, útsein dan, dat se der letter achter kamen dat se harsels foarby rûnen. Dat se fergetten wiene oft se it werklik wol woenen, of dat se it wier wol oan koenen. En dan wie it te let om nei oare oplossingen te sykjen.
- GEKE Ik wit it wol. En ik kin it oan omdat it no ienkear moat. *(stilte)* Wat fynt heit?
- ROMKE *(kochelet, syn stim sit ticht)* Ik wit it net. Ik ... foar my makket it net mear út. Ik kin doch neat mear. Dat moat ik akseptearje. Mar foar Sjoerd leit it oars. *(hy sjocht nei de grûn. Hinke-Richtsje fjochtet tsjin har triennen)*
- SJOUKJE Dat is net sa Swierstra. Kinst folle mear dan ast tinkst. Moast dyn fertriet net weistopje. *(stilte)* En hoe sit it mei dy Sjoerd?
- SJOERD Ik wit net. Ik bin it tink ik wol mei mem iens. Ik wol graach boer wêze. Ik bin boer. En mei mem kin ik in soad oan. Wy rêde it op.
- SJOUKJE Mar mem wurdt op in dei ek âlder.
- GEKE Tsjin dy tiid fynt er wol in goede frou. Mei in goeie, sterke frou njonken him kin er de hiele wrâld oan. Sjoerd is in echte Castelein, moast witte. Dat is in sterk laach, dat krijt gjin mins der ûnder.
- (stilte)*
- SJOUKJE Wat tinkst Sjoerd?
- SJOERD Neat.
- (Sjoerd sjocht nei de grûn. Heit en Hylke sjogge inoar koart oan.)*
- HINKE-RICHTSJE Sjoerd tinkt oan Simone.
- SJOERD Hâld dy de bek.
- HINKE-RICHTSJE Oeps. Sorry hear.
- GEKE Simone? Wat bedoelst? Wêr hat se it oer?

HINKE-RICHTSJE Ik sis neat mear.

GEKE Dat frommes út Amsterdam? Fan it kafee? Sjoerd, sjoch my oan. Ha jim wat?

SJOERD Ja, wy ha wat.

GEKE En jim wisten dit allegear? Do ek Sjoukje? (*tsjin Romke*) En do fertelst my niks? Sûnt wannear is dit? Bist ek in kloot. Altyd mar swije, altyd alles opkropje. En wa kin de rotsoai opromje?

ROMKE Hâld dy stil minske. Net wer't oaren by binne.

GEKE Ik hâld my net stil.

ROMKE Dy jongen mei dochs ek wol ris om 'm hinne sjen? Ik wie dyn earste ek net. Boppedat, ik tink net dat it safolle foarstelt.

SJOERD Dêr soe 'k mar net op rekkenje.

GEKE Bist net wiis jongen? Dat wiif is fyftich! Se is mear as twa kear sa âld as dy.

SJOERD Se is 43.

GEKE Wat moasto yn fredesnamme mei sa'n frommes út 'e stêd? Dêr hast hielendal neat oan. Dy begrypt dy net, dy hat gjin ferstân fan buorkjen. Se kin dy net iens bern jaan.

SJOERD (*fljocht oerein*) En no hâldt mem har de bek. It is myn kar en myn libben!

ROMKE Jonge, net sa'n taal tsjin mem!

SJOERD Mem bepaalt alles hjir yn 'e hûs en op 'e buorkerij. Alles. Mar ik bin gjin Castelein, ik bin myn eigen man. Ik doch ferdomme mei myn eigen libben wat ik sels wol.

ROMKE en GEKE Net flokke!

SJOERD En ik hâld fan har! Ferdomme! Hearre jim dat: ik – hâld – fan – har!

(*stilte*)

HINKE-RICHTSJE Soa ... hea ...

HYLKE Mar... – as ik wat sizze mei...

SJOUKJE Toe mar Hylke.

HYLKE As ik it goed begrepen ha dan kinne Sjoerd en dy Simone inoar noch mar in pear wike. Dus, ik bedoel, tsja ... Se soe myn smaak ek net wêze, mar...

ROMKE It is oars in kreas frommes.

HYLKE ... as Sjoerd no seit dat er fan har hâldt ...

HINKE-RICHTSJE Hast al mei har op bêd west?

GEKE Hâld dy stil.

SJOERD Ja.

HINKE-RICHTSJE Hast wol in kondoom brûkt?

HYLKE Mem kin it him doch min ferbiede? Ik bedoel, as Sjoerd tinkt dat er fan har hâldt, dan moatte wy miskien earst mar ris sjen hoe't it betear. It dak stoart fuortdaliks net yn, wol?

ROMKE Dat liket my ferstannich praat.

SJOUKJE Wat tinksto Geke?

GEKE Ik kin it him net ferbiede, nee. Mar ferstannich fyn ik it net.

SJOUKJE En do Sjoerd?

*(Sjoerd lûkt oan 'e skouders, sjocht nei de grûn)*

HINKE-RICHTSJE Lykas it houlik fan heit en mem. Dat wie *hiel* ferstannich.

SJOUKJE Sjoerd?

*(stilte. Mem giet oerein.)*

GEKE Ik sil nei de stâl. *(tsjin Hinke-Richtsje)* Do rêdst it hjir op. *(tsjin Hylke)* Do moast ek oan 't wurk. *(tsjin Sjoerd)* Krijsto de earste snee der hjoed noch ôf? *(Sjoerd knikt. Geke sjocht Romke in momint op en del oan, dan giet se ôf.)*

SJOERD Ik lit har net los.

*[Liet Flying Cows.]*

## SKOFT

## DIEL TWA

### SÊNE 8 – Alles begjint opnij

*(Simone komt op, rint foarsichtich. Se is op bleate fuotten, hat in slipke oan en in oerhimd fan Sjoerd. Se hat sân boarden by har: trije op elke earm en ien op 'e foarholle. Sjoerd hat himsels in broek of in rok fan Simone om 'e middel knope, rint om har hinne en moediget har oan mei 'Ja! Ja! Ja!' Yntiid set er in tafel yn 'e midden, set der in stoel foar en dêrfoar in krukje. Simone rint achter syn stim oan. Fia it krukje en de stoel bedarret se úteinlik boppe op 'e tafel, wêr't Sjoerd útbarst mei in gjalp fan oerwinning: 'Jaah! Jaah!' Hy giet achter har op 'e tafel stean en slacht de earms om har hinne)*

SIMONE Sjoerd, laat me los! Laat me los!

SJOERD Frou Van Dam, lokwinske. Jo binne oannaam as servearster.

SIMONE Tankewol menear de direkteur. *(Sjoerd nimt de boarden fan har oer.)* Waar ben ik eigenlijk?

SJOERD Op de heechste berch fan Fryslân. Dêr leit de Greidhoeke, it lân fan Molke & Mest...

SIMONE O ja. En hier achter het land an Schraal Bier en Vieze Borden.

SJOERD En dêr tuskenyn it lân fan Leafde en Gelok.

SIMONE Sjoerd, ik heb hoogtevrees. Hou me vast!

SJOERD Ik kin dy net loslitte, wy sitte oaninoar fêst.

SIMONE Hoe heb je me hier in vredesnaam op gekregen?

SJOERD Wêr bist bang foar?

SIMONE Voor ons. Ik wil er af!

SJOERD *(giet foar de tafel stean en docht de earms wiid.)*  
Lit dy falle! Der kin neat mis gear.

SIMONE Aa' me hoela.

SJOERD Toe mar. Lit dy mar falle.

*(Nei in lytse wifeling docht Simone it. Sjoerd fangt har op en se rôlje tútsjend oer de flier.)*



SIMONE En nou wil ik mijn broek terug! Geef me mijn broek!

SJOERD Earst myn oerhimd werom.

SIMONE Hoho! Als ik met zeven borden kon lopen kreeg ik mijn broek terug. Jij boere ... boere ...

SJOERD -lul?

SIMONE Boerehuffer! Broek. Hier. Nu. - Please?

SJOERD En dan stean ik dalik yn myn himd.

SIMONE Weet je wat? Gelijk oversteken. Kom eens hier. *(Ze gaan tegen elkaar aan staan.)*  
Als jij nu de knoopjes van jou hemd doet, dan doe ik ...

*(Der folget in omslachtich spultsje mei in soad wille om fan klean te wikseljen. Op in bepaald stuit hat Sjoerd ien earm yn syn himd en Simone ien skonk yn har broek – en vice versa. It einiget yn in lange tút)*

SIMONE Waarom hou ik van jou?

SJOERD Wêrom is gers grien?

SIMONE Dat is het!

SJOERD Wat?

SIMONE Toen ik klein was, lag ik met mijn hartsvriendin in het gras en we keken naar de wolken die voorbij dreven. En toen zeiden we tegen elkaar: ergens op de wereld ligt nu iemand in het gras en die ziet hetzelfde als wij. Nou ja, dat denk je dan als je tien bent. Maar nu weet ik pas dat het echt zo is. Die ander dat was jij.

SJOERD Dat soe samar kinne. Hoe seagen dy wolken derút?

SIMONE Even zien. De één leek op een wit paard. En de ander niet.

SJOERD Dat hynder yn 'e loft, dat ha 'k ek sjoen. Ik lei op in snein njonken de pols by de sleat en ik seach oeren efterinoar omheech. En dy oare wolk hie dy net wei wat fan in eh...

SIMONE Een koe!

SJOERD Krekt. It wie op in dei dy't nooit foarby gie. Dus dat wiestó, dêr't ik doe oer lei te dreamen...

SIMONE Tijd bestond toen niet. Hier of daar, nu of later – dat bestond gewoon niet.

SJOERD Mar do wiest der wol.

SIMONE En jij ook. En zonder dat ik het wist heb ik je mee genomen.

SJOERD En ik dy.

SIMONE En pas daarna begon de tijd te stromen. Toen kwamen de plichten, de zorgen, de noden. En de dagen en jaren die eindeloos in elkaar overlopen.

SJOERD En al dy tiid sietsto yn my ferskûle.

SIMONE En ik in jou.

SIMONE Bij jou heb ik mezelf terug gevonden.

SJOERD Jawol. Mar... *(hy sjocht in oare kant út)*

SIMONE Maar er zijn ook anderen, denk je. Die zien iets anders dan wat wij zien, Sjoerd. Die zien een boer op een trekker.

SJOERD In kroechbazin. In frommeske út 'e stêd.

SIMONE Een zoon, die het nog moet leren.

SJOERD Op in âld fyts, ja. Dy sjogge in 'milf', dy't al hast hûndert is.

SIMONE Een werkende moeder.

SJOERD Wat sjocht sa'n jongkearel yn sa'n âldwiif?

SIMONE Wat ziet dat mens in zo'n jong broekje? Wij zien iets dat zij niet zien.

SJOERD Ja. Wat dan?

SIMONE Iets dat van binnen zit en waar je geen etiket op kunt plakken. Dat kun je alleen zien met je ogen dicht. Kom eens hier. *(giet op tafel lizze)* Kom eens boven op me liggen. Experiment!

SJOERD *(hy docht it)* Sa?

SIMONE Ja. Oef, wat ben je zwaar. Maar dat geeft niet. Ga maar lekker liggen. Of je op het strand ligt.

SJOERD Ik fiel in stive oankommen ...

SIMONE Leugenaar. Straks mag de vlag uit. Eerst het experiment.

SJOERD *(kreunt)* Moat dit trije kear deis, suster?

SIMONE Ssst. Ontspannen, niks zeggen. Ogen dicht, alleen maar ademen, zwaar zijn. *(pauze, ze vouwt haar armen om hem heen)* Voel je wat ik voel?

SJOERD Ja. *(even stil)* Ik fiel dêrûnder ... – in lyts famke dat mei har freondinne yn it gers leit.

SIMONE Ze zit in jou, Sjoerd. Binnen in je.

SJOERD Ja. Ik fiel it. En wat fielsto?

SIMONE Ik voel een jongetje in me. Hij draaft door de weilanden, hij springt over de sloot, hij valt in het gras en tuurt naar de wolken.

SJOERD En dêr sjocht er dy.

SIMONE Ik hou zo verschrikkelijk veel van je, dat het bijna pijn doet.

SJOERD Sûnt ik dy ken, is alles op de ien of oare wize echter. Krekt oft de wrâld no pas bestiet. *(even stil, ynienen)* O suster! Suster! It docht sa sear! Sa sear!

SIMONE Ach heden. Waar dan? Hier soms? Of hier?  
*(se kietelt him, hy kietelt werom. Se rolje oer inoar, falle dan stil.)*

SJOERD Ik hâldfandy, hâldfandy, hâldfandy, hâldfandy.

SIMONE Zullen we de vlag uitsteken?  
*(Se begjinne te frijen, mar dan hearre se tikjen tsjin it rût of de doar.)*

NYNKE Hallo? Is dêr ien?  
*(Sjoerd springt oerein.)*

SJOERD Ferdoary, dat is Nynke! We soenen repetearje. Ik bin nei de seal.

SIMONE Je hoeft je toch niet te schamen? iedereen weet het al, Nynke ook.

SJOERD Wit ik, mar ik wol har net ... No ja ... Ik soe noch wat dingen klearsette. *(ôf)*

NYNKE *(yn de doar iepening)* Hallo? Bin ik te betiid? Ik wachtsje bûten wol.

SIMONE Dag Nynke. Kom binnen. Ik bijt niet.

NYNKE We soenen repetearje. Mar de jonges binne der noch net. Of wol?

SIMONE Sjoerd is al in de zaal. Spullen klaar zetten.

NYNKE O. Hoe ... eh ... Hoe is it no mei jo en Sjoerd?

SIMONE Dus jij weet het ook? Zeg maar jij hoor.

NYNKE It hiele doarp wit it.

SIMONE De tam-tam werkt hier sneller dan het internet.

NYNKE Wisten jo ... Wistesto ... - dat Sjoerd en ik ek wat hân ha? Net sa lang, hear.

SIMONE Dat heeft Sjoerd me verteld, ja. Waarom raakte het uit?

NYNKE Ja, wêrom? We kenne inoar al fan lyts ôf oan. Syn heit is boer, myn heit ek. We gongen nei deselde skoalle. We holden fan deselde muzyk.

SIMONE Misschien pasten jullie té goed bij elkaar.

NYNKE Kin dat dan?

SIMONE Misschien waren jullie wel teveel hetzelfde.

NYNKE No, dat kinst fan jim beide net sizze.

SIMONE Nee.

NYNKE Oeps. Sorry.

SIMONE Geeft niet. Sjoerd en ik houden van elkaar, omdat we zo verschillend zijn.

NYNKE Hoe kin dat dan?

SIMONE Misschien omdat we bij elkaar iets vinden, dat we in onszelf missen.

NYNKE Mar Sjoerd en ik wienen net hielendal itselde. Ik wol hjir wei, nei de stêd. De wrâld sjen, nei de keunstakademy, as it slagget. Sjoerd net, dy stiet mei de poaten yn 'e klaai. Dy wie al boer foar't er berne wie. Dy ried al op in trekker doe't er acht wie. Ik ha wol ris in ferske skreaun mei de rigel 'De greide is dyn wrâld'. Dat sloech op Sjoerd.

SIMONE Misschien waren jullie wel hetzelfde aan de buitenkant, maar niet van binnen, waar je verlangens zitten. Ook de verlangens, die je nog niet helemaal kent.

NYNKE (*tinkt nei*) Ja, dat soe bêst wol es sa wêze kinne. Wat bist doch in wize frou. Ik bewûnderje dy, Simone.

SIMONE Doe dat nou maar niet. Ik bega dezelfde stommiteiten als iedereen.

NYNKE Mei ik dy wat foarlêze?  
*(se pakt it skrift dat se by har hat)*

SIMONE Voorlezen? Ik weet niet. Moet je niet repeteren?

NYNKE Ik ha in nije tekst skreaun. It giet eins oer Sjoerd en my, mar dat snappe dy jonges doch net. Sjoerd ek net. Dy wolle allinnich mar dat it lekker klinkt.

SIMONE Vooruit dan maar. Maar ik heb geen verstand van die dingen hoor.

NYNKE *(lêst)* 'Alles begjint opnij' It is noch net klear, hear.

SIMONE Laat maar horen.

NYNKE alles begjint opnij  
 alles begjint opnij

wêr't it begûn wit ik net mear  
 it wie oft it der altyd wie  
 do wiest der en ik wie der  
 en dat wie alles dat der wie  
 alles wie nij  
 alles foar it earst

witsto wannear't dizze dei begûn  
 wannear wiesto der foar de earste kear  
 wannear wiesto gjin bern mear  
 witsto wannear't it gelok begûn?

mei dy wie elk momint foar altyd  
 wie der gjin begjin, gjin ein  
 wie der neat dat begûn en neat dat ophold  
 mei dy derby wie de tiid op fakânsje

no wit ik presys de tiid  
 wit ik presys it plak  
 no wit ik fan it mes  
 dat dy dei oan stikken snied  
 wit ik dat in grutte hân  
 in streep luts yn it sân

no stiesto dêr en ik stean hjir  
 beide oan in oare kant  
 no stiet de tiid in hiele dei lang stil  
 stiket de klok, tikket, slacht, skoot en skaaft de klok

en skuort myn dei yn einleas lytse flarden  
mar ik wit seker

alles begjint opnij  
alles begjint opnij  
alles begjint opnij

SIMONE Jee. Mooi.

NYNKE Wat tinkst?

SIMONE Ik weet niet wat ik zeggen moet. Prachtig.  
Waarom ga je niet naar de popacademie of zo?

NYNKE Us heit sjocht dat net sa sitten. Mar ik doch it toch.

*(Geart en Bart komme op, mei gitaren en oar muzykguod)*

GEART Hoi Simone!

BART Nynke! Hast dy nije tekst no al es klear?

SIMONE Sjoerd is al bezig, jongens. Ga die kant maar op.

*(De jonges geane wer ôf. Nynke as lêste der achteroan. As se by Simone delrint, jout se har fluch in tút en rint dan wer troch. Der klinke in pear skelle piips en broms en de jonges laitsje)*

SIMONE Kan een mens ook té gelukkig zijn. Ik ben bang van wel.

*(Se begjint de tafels en stuollen klear te setten foar de folgjende sêne.)*

## SÊNE 9 – Doarpsbelang

*(Yn groepkes komme de doarpsbewenners binnen foar de gearkomste fan it Doarpsbelang. Yn alle groepkes sitte ien of twa persoanen, dy't mei grutte opfallende gebaren dúdlik meitsje hoe't it siet. Kees Zwart wikselet hieltyd fan groepke. De groepkes binne:*

- *Groepke a.: **Arend de Jong, Kees Zwart, Cora Koning, Romke Swierstra**. Arend en Kees ha papieren by harren; Romke rint op krukken. Se ha it oer keatsen. Kor Koning makket meneuvels.*
- *Groepke b. : **Geart Bruinsma, Bart Kingma, Hylke Swierstra, Hinke-Richtsje Swierstra, Kees Zwart**. Se ha it oer fuotbal en posysjespul. Bart makket meneuvels.*
- *Groepke c.: **Bolke van der Veen, Geke Swierstra, Jakob van der Meer, Kees Zwart**. Se ha it oer biljerten. Van der Veen makket gebaren.*

- *Groepke d.: Sjoukje de Boer, Baukje Dalstra, Tineke Fopma, Pytsje Meinema, Kees Zwart. Se ha it oer kuorbal. Tineke Fopma makket meneuvels.*

*Der wurdt drok trochinoar kletst. By it ynkommen binne Simone en Ruben noch dwaande mei de tafels, stuollen en koffjekopkes, mar as de gearkomste op it punt stiet te begjinnen is Simone fuort. Wike is dan noch wol dwaande om kofje yn te skinen. Noch foar't iderien sit, tikket Arend mei in leppeltsje tsjin syn kopke)*

AREND DE JONG      Minsken, we moatte los. It is acht oere (*ek de lêsten gear sitten*) Wolkom. Moai dat jim allegear sa manmachtich oanwêzich binne by dizze earste gearkomste fan Doarpsbelang yn it fernijde doarpskafee. Nei twa jier ompankoekjen yn 'e sportseal en by Bolke yn 'e loads fielt dit doch wer as thúskommen yn in waarm nêst.

*(ynstimmend gemompel)*

JAKOB VD MEER      Nergens sa waarm as yn de earms fan Simone van Dam.

*(Der wurdt stikem wat gniist. Kees stjit Arend oan en wiist op syn koffjekopke.)*

AREND DE JONG      O ja, foar't ik it ferjit. Jim krije it earste bakje kofje fan Doarpsbelang en alles wat jim dêrnei drinke skriuwt Wike op en dat moatte jim dan letter by har ôfrekkenje. Sa dogge se dat hjir. En dan no de wurklist. Ik wit net oft elkenien dy hat... Nee? Soesto dy net kopiearje Romke? Nee? No ja, der steane ek mar fjouwer punten op...

KEES ZWART          Fiif. Der is ien by kaam. (*Hy flústeret him fluch wat yn 't ear.*)

AREND DE JONG      Sjochris oan. Fiif. Ik lêst it even foar en dan kinsto fierder útlis jaan, Kees.  
'Punt 1. In fraach fan de biljertferiening.  
Punt 2. In fraach fan ús nije frouljuskoar. – '

TINEKE FOPMA      '*In Toantsje Heger*'.

AREND DE JONG      Wat sei?

TINEKE FOPMA      Sa hjit it. Net te leauwen, we ha wat ompielt mei dy namme. Mar we binne der út.

PYTSJE MEINEMA    Earst wie it '*Ik ben gelukkig als ik zing*'.

SJOUKJE Mar dat fûnen we te lang.

BAUKJE DALSTRA Soks kin ek net yn it Hollânsk.

TINEKE FOPMA Doe waard it *'Sjongallong'*.

SJOUKJE Mar soks skynt der al te wêzen.

PYTSJE MEINEMA En doe *'Gjin Cee te heech'*. Snapst? Mei in Cee.

BAUKJE DALSTRA Mar ja, dy blykt foar ús dus wol te heech. En doe?

PYTSJE MEINEMA O ja: *'Lykas it is yn 'e himel'*. Fan dy film, no.

TINEKE FOPMA Mar yn it Frysk bekket dat net.

AREND DE JONG Eh ... froulju ...

SJOUKJE *'Gouden keeltjes'*. Dat wie ek in moaie.

TINEKE FOPMA Mar dy fan ús binne mear 'oude keeltjes' ...!

AREND DE JONG Sille wy fierder?

PYTSJE MEINEMA En doe kaam Tineke noch mei *'Ut folle boarst'*!

TINEKE FOPMA Mar snapst wol, dat wurdt hjir dus algau: 'ut folle boarsten'!

*(De froulju skodzje even demonstratyf mei harren boarsten hin en wer, earmtakken nei achteren en ha de grutste wille. De âldere manlju sjogge ûnbeweechlik ta. Ungemurken komt Sjoerd deryn.)*

AREND DE JONG *(pinne yn de oanslach)* Krekt. En hoe wie de namme no?

JAKOB VD MEER Foarsitter, kinne wy net fuortdaliks ta de kearn fan de saak komme? Wy witte allegear wêrom 't we hjir binne. De plannen fan de gemeente en frou Van Dam. Punt fjouwer wie it net? En litte we dan daliks punt fiif der ek mar by pakke: in alternatyf plan foar in nij doarpshûs.

KEES ZWART Folslein mei iens. Ik bin foar.



*(Nei in tel stilte, barst in grut kabaal los. Elkenien is ferbjustere en praat trochelkoar: 'Wat sille wy no belibje?' / 'Der wist ik neat fan' / 'In nij doarpshûs?' / 'En it kafee dan?' / 'Wêrom stiet dit net op de wurklist?' / 'Hoe kin dit samar?', ensfh. Romke en Sjoerd hâlden yntiid elts Kees Zwart yn 'e gaten.)*

AREND DE JONG Minsken, hallo! Hallo!! Even kalmte graach. Ik snap dat jim dit wat oerfalt. Mar ik stel doch út om even fluch de agindapunten by lâns te gean, want oars komt dat der net mear fan. Even geduld graach.

BOLKE VD VEEN No avensearje dan mar De Jong.

AREND DE JONG Ja. Wy wiene by punt trije....

ROMKE Nee, by punt nul. Wiest de wurklist oan it foarlêzen.

AREND DE JONG *(hastich)* Fansels ja. It koar hiene wy hân.

TINEKE FOPMA Nee, dat hiene we noch net hân.

PYTSJE MEINEMA Wy woene Doarpsbelang freegje om by te dragen yn de kosten fan in nije dirigint.

AREND DE JONG Wêrom moat Doarpsbelang dêroan bydrage?

CORA KONING Dit sjit sa net op.

SJOUKJE Moast miskien earst even sizze wat der fierder op de wurklist stiet, Arend.

AREND DE JONG Bêst. Prima. Mar ik tink net, dat Doarpsbelang dêrfoar bedoeld is. Elke feriening moat syn eigen broek ophâlde.

BART Dus do ek, Sjoerd. Moast wol dyn broek ophâlde.

*(Elkenien sjocht achterom nei Sjoerd. De spanning nimt ta.)*

PYTSJE MEINEMA Dat is maklik praten, De Jong. Wy ha mei Keunstwurk belle om stipe, mar dy sizze deagewoan: as jim in goeie dirigent ha wolle, dan ferheegje jim de kontríbúsje mar. En wy sjonge allinne foar ús nocht!

BAUKJE DALSTRA Krekt it selde by 'Us nocht'. Die man foar toaniel fan Keunstwurk seit ek: ferheegje de kontribúsje mar as jim in goeie regisseur ha wolle. Wylst ús leden in ferheging nei sân euro fyftich al tefolle fine.

GEART Wêrom meitsje jim der net in projekt fan de Kulturele Haadstêd fan? Jild by de rûs. (*laitsje, kabaal*)

SJOUKJE Arend. De wurklist.

AREND DE JONG Ja, ja, ja.

GEKE Mar as Doarpsbelang dat betelje soe, dan betsjut dat doch likegoed dat wy der mei ús allen foar opdraaie? Lit dan elke feriening it sels ek mar opknappe.

AREND DE JONG Tankewol frou Swierstra. Ik stel út dat we dit punt parkeare oant de folgjende bestjoersgearkomste. Dan woe ik no graach fierder mei punt... eh... trije: in hingplak foar de jongerein.

BOLKE VD VEEN We ha punt ien noch net iens hân. De biljertferiening hat heechnedich ferlet fan in nij biljert. Oars kinne we gjin kompetysje spylje.

GEKE Dêr gean we wer.

KEES ZWART Dat is wol in punt, ja. Wy ha dit bepraat mei frou Van Dam, mar dy reagearret allyksa: se hat in biljert foar de klanten en as we in twadde wolle moatte we dêr sels mar opbringe. Ik soe wolris witte wolle wer in biljertferiening dat fan betelje moat.

CORA KONING Kees, ik moat der moarn om seis oere ôf. Kinne we nei punt fjouwer?

BART En dy hingjongeren dan?

KEES ZWART Do hast maklik praten Cora Koning. De keatsferiening hat it keatsfjild sels ek net betelle wol? Wêrom wy dan wol?

AREND DE JONG Ik stel út dat we ....

BART / GEART / NYNKE Parkeare! Parkeare! Parkeare!

AREND DE JONG      Krekt.

KEES ZWART          Dan stel ik foar om dat punt fan dy hingjongeren ek mar te parkearen. Dat stiet no al sa lang op de wurklist. Dat dy jongerein dy bliuwe noch wol even... hingjen.

AREND DE JONG      Moai. Dat is dan regele. *(sjocht yn 'e papieren)* Dan binne wy no by punt... eh...

ALLEGEAR            *(behalve de Swierstra's)* Fjouwer!!

AREND DE JONG      Fjouwer. De plannen fan de gemeente. Wa mei ik it wurd jaan?

KEES ZWART          *(giet oerein)* Tankewol. Wy ha allegear in idee wat de plannen ynhâlde, dy't frou Van Dam by de gemeente yntsjinne hat en wêrom't se dy plannen yntsjinne hat. No ha wy fan Doarpsbelang sels ek es kontakt socht mei de gemeente....

ROMKE                Nim mei net kwea ôf, mar moat frou Van Dam hjir sels net by wêze?

*(pynlike stilte)*

KEES ZWART          Der gean ik net oer.

ROMKE                *(tsjin Sjoerd)* Freegje even oft se komt.  
*(Sjoerd giet ôf. Kees wifelet in momint)*

KEES ZWART          Foarsitter, kin ik fierder gean?

JAKOB VD MEER      Om my wol. Ik moat der moarn wer betiid ôf.

BOLKE VD VEEN      Net ien hat har doch ferbean om hjir oanwêzich te wêzen, wol?

AREND DE JONG      Fuort mar, Kees.

KEES ZWART          *(fluch)* Sa as jim witte is der in toeristyske fietsrûte pland troch de Buorren mei spesjale foarsjenningen, lykas in picknickplak by de feart hjir krekt achter it kafee. Der komt dan ek in oanlissteger, sadat boatjesminsken en fytsers fan it picknickplak gebrûk meitsje kinne en in konsumpsje keapje kinne yn it kafee, want dêr is it frou Van Dam fansels om te dwaan. Prachtich, lokwinske, neat op tsjin. Wy moatte allegear ús *eigen* broek ophâlde, mar dat is in oar

ferhaal, dêr sille we it no net oer ha. (*Simone komt deryn, mei Sjoerd. Kees docht krekt oft er har net sjocht.*) Kompliminten dat se dat sa foarinoar krigen hat. Mar. No wol it gefal dat dat fytsplan fan de gemeente ek ynhâldt dat in tal strjitten yn it sintrum fan it doarp... eh... hoe neame se dat... ?

AREND DE JONG Autoluw.

KEES ZWART Autoluw wurde makke moatte. Dat betsjut ûnder mear dat der gjin frachtferkear en gjin lânbouferkear mear troch de Buorren kin. En dat betsjut ek, dat ik mei myn feeweinen myn eigen hiem net mear op kin. En Van der Veen en Swierstra mei harren trekkers ek net mear troch it doarp meie. No sizze se wol dat dat oplost wurde kin mei in nije ûntslutingsdyk achter it hiem fan de Swierstra's lâns, mar dat kin noch wol jierren duorje en rekkenje mar dat dat ús as mienskip noch in moaie slompe jild kostet. En dêrom tink ik dat wy poer op dit plan tsjin wêze moatte.

JAKOB VD MEER En dêrom ha we in alternatyf plan betocht foar in nij doarpshûs. Dan binne we yn ienkear fan alle gesoademiter ôf.

BAUKJE DALSTRA Wa binne 'we'?

CORA KONING Ik sjoch net wat it ien mei it oar te krijen hat.

HYLKE Kinne we dy plannen fan de gemeente dan noch wol keare?

KEES ZWART Jawis. As wy it net wolle, sette se it net troch, ha se my tasein.

AREND DE JONG Ik stel út dat we earst oan ús agrariërs freegje wat sy der fan tinke. Swierstra? Van der Veen?

ROMKE Tsja ... Wat tinksto Sjoerd?

SJOERD Ik ha gjin probleem mei dy ûntslutingsdyk. Ik bedoel, it is hûndert meter omriden, mar as je mei de trekker net mear troch de Buorren hoege ... Dat is allinnich mar feiliger.

KEES ZWART (*synysk*) En dy dyk komt oer jim lân, dus jim kinne der ek noch wat fan barre ...

SJOERD                    Wat hat dat der no wer mei te krijen?

KEES ZWART             Neat. It is mar dat we witte wêr't elk syn belang leit.

*(Guon sjogge fan Sjoerd nei Simone.)*

AREND DE JONG        En do, Van der Veen?

BOLKE VD VEEN        Sjoch, op himsels jou ik Sjoerd wol gelyk ...

NYNKE                    Libje de foarútgong, heit!

BOLKE VD VEEN        ... mar ik soe wol graach witte wolle wat foar kosteplaatsje hjir achterwei komt.

ROMKE                    Dat tocht ik ek, dus ik ha in praatsje makke mei wethâlder Hylkema, ek in âld boer. En dy seit dat dy dyk alhiel betelle wurde sil út in potsje fan de Europeeske Uny. Dêr binne wy gjin sint oan kwyt.

KEES ZWART             De Europeeske Uny. Soa. En wannear is dat dan klear?

ROMKE                    Neffens Hylkema wurdt it doarp net 'autoluw' makke, foar't dy dyk der leit.

JAKOB VD MEER        Bliuwt it feit dat dat hiele fytsplan net echt yn ús belang is en dat we ûnderwilens ôfhinklik binne fan de nukken fan *ien* ûndernimmer.

*(In pear sjogge nei Simone. Sjoerd kin him amper ynhâlde.)*

                              Wa wit mei watfoar plannen se de folgjende kear oansetten komt. As wy ús eigen doarpshûs wer ha, binne wy fan gjinien mear ôfhinklik. We kinne in seal ha mei fjouwer biljerttafels en it toaniel hat dan ek mear romte.

GEKE                     Dêr is wol wat foar te sizzen.

NYNKE                    Do wolst gewoan bouwe Van der Meer.

JAKOB VD MEER        Dat hat der neat mei te krijen. Ik tink oan it belang fan de mienskip.

BOLKE VD VEEN        Mar wat kostet soks wol net?

KEES ZWART             Jakob en ik ha mei wethâlder Schuitema fan bousaken praat en neffens him kinne we foar trijekwart subsydzje krije.

HYLKE (synysk) Dus dan hoeche wy noch mar hûderttûzen euro mei sutelaksjes byinoar te fandeljen?

(Foar- en tsjinstanners prate trochinoar hinne.)

AREND DE JONG Miskien moatte wy no doch in kear it wurd jaan oan frou Van Dam.

(Stilte, elkenien sjocht nei Simone.)

SIMONE Heb ik hier wel recht van spreken dan?

AREND DE JONG Fansels ha jo dat. Jo wenje hjir doch ek?

SIMONE Toen ik hier kwam, nu bijna een jaar geleden, samen met Ruben, toen werd ik meteen verliefd op deze plek, op dit gebouw, op dit dorp, de ruimte. Het was allemaal zo mooi, zo groen, zo weids. Ik dacht: hier wil ik wonen, hier wil ik leven, hier wil ik werken en wat voor de mensen betekenen. Het horecavak heb ik in Amsterdam geleerd, dat is een harde business; je redt het daar niet als je het anderen niet naar de zin wil maken. En wie weet, dacht ik toen, wie weet kan ik hier zelf ook nog gelukkig worden. De mensen hier kenden we toen nog niet echt natuurlijk, maar ze leken me allemaal aardig. De eerste die ik tegenkwam, had haar armen zo (*doet haar armen wijd*) en dat was Sjoukje. Het komt goed, dacht ik toen. En het is meer dan goed gekomen, meer dan goed. Iedere ochtend, als ik de gordijnen open schuif, denk ik: dit is zo mooi, dit wordt nooit gewoon. Het valt niet mee om het hoofd boven water te houden met het café, ik moet nieuwe dingen bedenken om te kunnen bestaan, maar zolang het lukt, vind ik het machtig. Ik vind het ook machtig dat er zoveel mensen gebruik maken van het dorps huis en hier plezier hebben. Maar ik weet ook ... ik ben niet één van jullie. En dat zal ik ook nooit worden, al zou ik hier twintig of dertig jaar wonen. Er is een zekere afstand en die gaat nooit weg. Dat is niet jullie schuld en ook niet die van mij. Soms heeft dat zo z'n voordelen. Soms doet dat ook erg zeer. Zo is dat nu eenmaal. Jullie zijn Friezen en ik... ik kan alleen maar proberen om van die Friezen te houden. En daarom wil ik hier blijven. En daarom... het hoge woord moet er toch een keer uit. (*ze kijkt even naar Sjoerd, zoekt naar woorden.*) Ik ben hier iemand tegen gekomen, waarvan ik niet dacht dat die op deze wereld bestond. Iemand die al die mooie dingen nog twee keer zo mooi maakt. Iemand die voor mij alles in zich heeft wat Fryslân mooi maakt.

*(Simone en Sjoerd sjogge inoar oan oer grutte ôfstân. Stilte.)*

BOLKE VD VEEN: Myn bern soe soks net besykje moatte.

NYNKE *(lilk)* Heit!

SJOERD Stel dy foar dat se thús komme soe mei sa'n âlde lul as har heit.

*(Geke en Simone tagelyk:)*

GEKE *(bestraffend)* Sjoerd!

SIMONE *(kalm)* Sjoerd!

JAKOB VD MEER Wêr ha wy it hjir oer? No witte we noch net wêr't we oan ta binne. Ik soe sizze: dy fytsrûte moat derút en dan kinne we altyd noch sjen oft dat nije doarpshûs der komme moat of net. Steane jim achter dat foarstel? En oars mar net.

SIMONE Een nieuw dorps huis betekent het einde van het café. Dat weet iedereen. Die fietsroute brengt mij extra inkomsten, die ik nodig heb om te overleven. Waarom denkt u dat de vorige kroegbaas is gestopt? Ik moet creatief zijn. Als het dorp het café niet langer wil als dorps huis, dan moeten jullie dat maar zeggen. Dan ben ik weg.

KEES ZWART Dat is pure sjantaazje! Wy binne der doch net om dyn bedriuw oerein te hâlden, wol?

SJOERD En hoe neamst it dan wêrsto mei dwaande bist, Kees Zwart? Sil ik dy dat es fertelle? Wêr't it om draait is dat sy fan bûten komt en net ien fan hjir is. At Simone in neger, in islamy, in joad of in homo west hie, no dan hienen de reaksjes fan dy en fan in hiel soad hjir echt net oars west. Dan wie it krekt sa: tige wolkom, tige tank – en dêr is de útgong. Want wy wolle net fan bûtensteanders 'ôfhinklik' wêze. Wy binne frije Friezen, no.

*(Elkenien praat trochinoar.)*

BOLKE VD VEEN Dat is folslein ûnsin!

CORA KONING Wat in ôfwaaid praat!

JAKOB VD MEER Hy fret wat sy him foarset. Dat is wol dúdlik.

KEES ZWART Ik lit my net beskuldigje fan diskriminaasje! Sis do der ris wat fan, Swierstra.

AREND DE JONG Minsken! Ho, ho, ho. Sa moatte wy net!

ROMKE Sa hiene we it oer in picknikplak en sa ha we it oer diskriminaasje. Litte wy ús no net sa gau misledige fiele. Dat jildt ek foar dy, Sjoerd. Sjoerd hat it oer ôfhinklik wêze en Kees ek, want dat wol er net. Wy binne foar ús aktiviteiten ôfhinklik fan it kafee. Dat is sa. Mar frou Van Dam –

SJOERD Simone.

ROMKE Simone - is ek ôfhinklik fan ús. Sa is dat no ienkear op in doarp. Je binne fan inoar ôfhinklik. De fraach is: hoe slim is dat? Docht se it net goed? Binne der klachten...?

NYNKE En no net wer oer dat biljert begjinne, heit.

TINEKE FOPMA Of oer de priisferhegingen, want dy ha je oeral.

GEART Ik fyn it hjir top.

*(Ynstimmende reaksjes, foaral fan de froulju en de jongerein, mar ek fan Arend.)*

BAUKJE DALSTRA Simone is top. Dat is it.

AREND DE JONG Dat liket my in dúdlike saak. At ik dat sa hear dan hat it doarp foarearst gjin ferlet fan in nij doarpshûs. De gemeente kin troch mei har plannen, mits de ûntslutingsdyk der komt en Zwart syn frachtwein kwyt kin. Kinst dy dêryn fine, Kees? *(Zwart en Van der Meer swije)* Dan slút ik hjirby de gearkomste.

WIKE De bar is iepen!

SIMONE En het koor 'In toantsje heger' zingt nog wat in het café.

*(iderien ferlit de romte, útsein Simone.)*



PYTSJE MEINEMA Faaks kin der ek in manljuskoar komme.  
Dan neame we dat *'In toantsje leger'*.

*(Geke giet nei Simone ta.)*

SIMONE *(steckt har hân út)* Dag mevrouw Swierstra.

*(Geke nimt de útstutsen hân net oan.)*

GEKE Do meist dan in goede ûndernimmer wêze, mar fan boeren hast gjin ferstân.  
Ik wol dy freegje om Sjoerd los te litten.

SIMONE *(ferstuivere)* Ik ... Heeft u dat Sjoerd ook gevraagd?

GEKE Ik freegje it oan dy. Fan mem ta mem.

SIMONE Ik denk dat Sjoerd dat zelf moet beslissen.

*(Geke sjocht har sûnder wat te sizzen strak oan, draait har dan om en rint fuort. Sjoerd komt binnen.)*

SJOERD Wie dat ús mem? Wat woe se?

SIMONE Ze ... ze zei dat ik een goede ondernemer ben.

SJOERD No, at ús mem dat seit. Dat betsjut wat.

SIMONE En ze zei ... dat ik niet weet wat een boer is.

SJOERD Dat hat se dan mis. Want ik bin in boer en do kenst my better as wa ek.

SIMONE Sjoerd. Ik wil er een paar dagen tussenuit. Kun je dat regelen met je werk?

SJOERD Ik soe Hylke freegje kinne. Dy is krekt klear mei syn tentamens. Wêrhinne?

SIMONE Venetië.

*(Se tútsje inoar. It koar set yn mei in Italiaansk ferske – 'Buona Sera Signorina' of sokssawat.)*

SÊNE 10 – <i>Leafde yn Venetië</i>
------------------------------------

A.

*(In lyts pleintsje yn Venetië. Hege huzen, oker en read, waskguod, lûken foar de ruten, steechjes tusken de huzen. Tusken de gevels de klassike gevel fan in tsjerke. In terraske. Jonkjes binne oan it fuotbaljen)*

JONKJES ‘Avanti Azuri! Sono Pellè! Gol!!’, *(ensf.)*

*(Simone en Sjoerd rinne hân yn hân, as frjemden op fakânsje)*

SJOERD Hjir ha we doch earder west? Mar doe stie dy tsjerke oan dy kant.

SIMONE *(draait in plattegrûn rûn)* Kwamen we toen niet daar vandaan?

SJOERD No ek. Neffens my rinne we yn in rûntsje.

SIMONE Nee, dat plein was gisteren. Die kerk was kleiner dan deze. En dat waren er toen twee.

SJOERD Ik wurd knettergek fan al dy strjitsjes en steechjes. Hoe kinne de minsken hjir it paad fine, sûnder stjintsjes of stikjes bôle te struien?

*(Der rôlet in bal nei Sjoerd ta.)*

JONKJE Signore! Per favore!

*(Sjoerd skopt de bal fuort, mar dy komt werom. Hy skopt noch in kear.)*

JONKJES ‘Gol!! Goll! Kroeif, Kroeif!

*(Wylst Sjoerd mei de jonkjes fuotballet komt der in grutte groep toeristen út de tsjerke wei, ûnder lieding fan in gids, dy't tige floeiend Italiaansk sprekt.)*

GIDS Se ci giriamo verso la facciata notiamo subito come la disposizione neo-rinascimentale sia in netto contrasto con il carattere tardomedioevale dell'interno della chiesa, e come l'architetto che ha ricevuto l'incarico di restaurare la casa di Dio per onorare la vittoria dei mercanti rivoltosi sia riuscito a mantenere una prodigiosa continuità tra l'ornamento iconica e il restante profilo armonico classico dello stile moderno. Così in alto a sinistra vediamo l'immagine del santo Agricola, con il suo aspetto giovane, poderoso ma anche sognante, ispirato senza dubbio alla figura del pastore innamorato delle Bucoliche di Virgilio. Al lato opposto vediamo l'immagine

de Santo Simone, il patrono dei bevitori e dei gestori delle taverne, che secondo un'antica leggenda veneziana, era in grado di riportarli sulla retta via anche in vecchiaia. Ci muoviamo ora verso la prossima chiesa sulla Piazza di Ieri. È un po' più piccola, ma ce ne sono due. Da questa parte.

**[Nederlânske oersetting fan de Italiaanske tekst hjirboppe:**

*(Draaien we ons nu om naar de gevel dat valt onmiddellijk op dat de neo-Renaissancistische indeling een groot contrast vormt met het laat-Middeleeuwse karakter van het interieur van de kerk maar dat de architect die de opdracht kreeg voor de verbouwing van het godshuis ter ere van de overwinning op de opstandige kooplieden van de stad desalniettemin een bewonderenswaardige continuïteit heeft weten te bewaren in de iconische ornamentatie van het verder zo klassiek-evenwichtige profiel van de moderne stijl. Zo zien we linksboven het beeld van de Heilige Agricola, met zijn jeugdige, krachtige, maar ook dromerige uiterlijk dat zonder twijfel gebaseerd is op de verliefde herdersfiguur uit de Bucolica van Vergilius. Spiegelbeeldig daar aan zien we het beeld van de heilige Simone, de schutspatroon van de wijndrinkers en de kroegbazen, die volgens een oud Venetiaanse legende nog op hoge leeftijd haar klandizie op het rechte pad hielp van vroomheid en rechtvaardigheid. Begeven wij ons thans naar de volgend kerk op het Plein van Gisteren. Die is wat kleiner, maar daar zijn er twee. Deze kant op.)]*

ALDERE AMERIKAANSKE TOERIST

What's he saying? I don't understand a word of it.

SYN FROU

It's a church. He says it's a church.

*(Simone, dy't oan it kaartlêzen is, bedarret yn it groepke toeristen en wurdt, sykjende om it paad, meisûge yn de groep.)*

SJOERD

Simone! *(hy sjocht, siket, draaft dan in steechje yn, komt werom, freget oan de jonkjes:)* Wêr is Simone?

*(Se wize ûnwis ferskate kanten út. Ien fan de jonkjes nimt 'm mei nei in oar strjitsje. Dan ferskynt Simone, dy't ek oan it sykjen is en se ferdwynt wer oan de oare kant, Sjoerd komt werom en raast yn panyk:)*

Simone! Wêr bist?

*(Simone rint wer werom. Sjoerd fljocht op har ôf en slacht syn earms om har hinne.)*

DE JONKJES

Capelo! Capelo!

SJOERD

Silst noait mear by my weigean?

SIMONE

Ik ga nooit meer bij je weg. *(zoen)* Zullen we trouwen?

*(Se geane de tsjerke yn.)*

SJOERD

Wêrom net? It is noch mar de fjirde kear hjoed.

B.

*(It dekor wurdt feroare yn it dekor fan de lagune: wetter, de hoarizon fan de kust yn de fierte, griis-giele loft. In vaporetto (bus-boatsje) komt lâns, mei in stik of seis passazjiers. Underwilens bellet Simone met Ruben)*

RUBEN *(stim)* Ruben Meijer, De Greide Kroech.

SIMONE Dag lieverd, met mam. Hoe is het daar?

RUBEN Hoi mam! Alles onder controle hier, hoor. Wike serveert de klanten, Sjoukje doet de keuken en ik speel voor directeur. Dus ik doe gewoon jou na.

SIMONE Kletsmeier. Je laat je handen toch wel wapperen?

RUBEN Alles loopt op rolletjes, mam. We hebben vandaag zes fietsers op de koffie met appeltaart gehad. Zes! Je kan nog wel een week wegblijven. Hebben jullie het leuk?

SIMONE Heerlijk. Fijn om eindelijk met z'n tweeën te zijn. Sjoerd was gisteren verdwaald. Voor hem is het hier allemaal wel heel vreemd. Hij mist zijn koeien. En ik jou. We gaan nu met de boot mee. Pas je goed –

C.

*(tuut-tuut. De ferbining is ferbrutsen. Underwilens binne Sjoerd en Simone de vaporetto (bus-boat) ynstapt. Fanwege de drokte kinne se allinnich achterinoar sitte. Sjoerd sit foar Simone. Op in stuoltsje flakby him, tsjin de farrjochting yn, sit in moaie frou, ûngefear like âld as Simone. Se hat in grutte koffer by har en sjocht ôfwêzich nei de wâl, de finger krombûgd tsjin har lippen.)*

STIM Linea Rossa. Direzione Sant'Elena – Fermata prossima Plaza San Marco  
*(Lijn Rood. Richting Sant'Elena – Volgende halte Plaza San Marco)*

SJOERD *(stim op bân)* Wat is se moai, dy frou. En wat sjocht se tryst. Wêr tinkt se oan? Szilvia Horvath stiet op har koffer. Boedapest. Se giet nei hûs. Se hat har frijer ferlitten. Of hy har?

SIMONE *(stim)* Hij kijkt naar haar. Ze is mooi. Maar zo triest. Wat ziet hij, wat denkt hij?

SJOERD *(stim)* Se hie har baan opjûn foar him, har famylje, har freonen, har lân. As de moanne dy't nei de ierde lûkt, moast se by him wêze, mei him libje. Yn dizze stêd, fan wetter en strjitsjes en pleinen. Dy't like frjemd en geheimsinnich is as de leafde, sizze se.

SIMONE *(stim)* Ik kijk naar hem als naar een voorbijganger en ik voel een liefde die zo hevig is, dat het pijn doet.

- SJOERD *(stim)* Mar as by eb en floed ferdwûn de leafde. Hoe, dat wit se net. Se hâldt noch hieltyd fan 'm. Mar se koe net bliuwe.
- STIM Arsenale. Linea gialla e verde. Cambiare per la stazione.  
Fermata prossima Sant'Elena.  
*(Arsenale. Lijn geel en groen. Overstappen naar het station. Volgende halte Sant'Elena)*
- (Iderien stapt út, útsein Simone en Sjoerd.)*
- SIMONE *(komt naast hem zitten)* Mooi hè. *(Sjoerd knikt)*
- SJOERD *(stim)* Wetter, wetter, wetter. In dizige greide fan griis wetter. De loft en hjir binne griis en giel. Dêr in eilân, hjir de wâl, nergens in beam. Wêr't de loft it wetter rekket, is it wazich, in skim fan in tsjerke yn 'e fierte. Gjûn grien, gjûn gers, gjûn fee. Komst oan lân yn de stêd, dan rekkest fuortdaliks it paad kwyt tusken de smelle strjitsjes, de grêften, brêgen en huzen. By ús is it lân like plat, mar de loft en binne helder en hurd en it doarp is fergroeid mei it lân. It is sa't it is. Net yn Venetië. Dit is in loftspiegeling, in âlde dream dy't net ivich duorje kin.
- SIMONE Waar denk je aan?
- SJOERD Oan thús. Oan dy. Oan ús.
- SIMONE Heb je Hylke nog gebeld?
- SJOERD Ja, juster. Hy seit dat it prima giet.
- STIM Sant'Elena. Capolinea.  
*(Sant'Elena. Eindpunt)*
- D.  
*(Sjoerd en Simone stappe út en rinne mei de earms om inoar hinne nei in taffeltsje by in heech rût, mei útsicht oer de lagune en in part fan de stêd. In âlde Italiaanske hear ferwolkommet harren mei in blêd mei twa glêzen wyn, oliven en yn de sinne drûge tomaten)*
- ALDE MAN Bienvenuti a casa mia. Comme è andata la giornata?
- SIMONE Molto ... eh bellissima.
- SJOERD E una giornata particolare. *(tsjin Simone)* Fan dy film, witst wol?

ALDE MAN I made up the bed and cleaned your room. Now I made you something to drink and to eat. It is from the house of course.

SIMONE Grazie. That's very kind.

ALDE MAN Prego. It is easy to be kind when you see people in love.

SIMONE You think ... I am too old for him, don't you?

ALDE MAN Age is from the body, madam, not from the mind. When an old man like me sees a beautiful young woman walking in the street, he wants to fall in love with her. That's because old men want to prove to themselves that they are still young and strong. Come Berlusconi (*hy spuit ferachtlik op 'e grûn*)  
Con le donne e diverso. Ladies like you don't want to prove anything. They want to discover. Find something out about themselves. They thought they knew life. They thought they controlled it, but it passed by unnoticed. And then suddenly they stop and wonder. Who am I?

SJOERD She is the most wonderful lady on earth.

ALDE MAN Yes, **you** have the answer. You **are** the answer. That's why she loves you. But she doesn't have the answer yet.

SJOERD And why then do young man love older women?

ALDE MAN You ask me? You are the young man. As in old man, I can only tell you that in love everyone seeks in the other the dark side of himself. The side he didn't know there was. Can I see your hands?  
(*Sjoerd lit syn hannen sjen. De âldman hâldt se fêst. Tsjin Simone*)  
He is a man of deeds. And a man of dreams. A rare combination.

SIMONE He is a farmer.

ALDE MAN Ah? La professione più antiqua.

SJOERD I thought that the oldest ...

ALDE MAN No! La puttana? No, no. The farmer – il contadino – e il fondamento di tutte le società. We have to eat and to drink before we can make love, no? Ho parlato troppo. You eat and drink now. A domani.  
  
(*De âldman giet fuort.*)

SIMONE Wat in eigenaardige man.

SJOERD        Un uomo particolare. *(Hy giet omkeard by har op 'e skoat sitten, mei it gesicht nei har ta en omearmet har.)* Hast al wat iten en wat dronken? Want dêrnei moatte we oan 'e slach.

SIMONE        Sjoerd, ik moet je wat vertellen. Ik ... loop er al de hele week mee rond, maar ik ... Nou ja.

SJOERD        Wat dan?

SIMONE        Je moeder is bij me geweest. Ze heeft me gevraagd of ik jou los wilde laten.

SJOERD        Wêrom hast my dat net earder ferteld? Wat hast sein?

SIMONE        Ik heb gezegd dat ze dat niet aan mij moest vragen. Dat ze dat maar tegen jou moest zeggen.

SJOERD        Hmm. *(hy giet oerein, rint by har wei)*

SIMONE        Ik heb het je niet verteld, omdat ik je er niet mee wou belasten.

SJOERD        Se hat it my ek frege. Dêrnei tink ik.

SIMONE        Echt? En?

SJOERD        Wat tinkst? Ik soe hjir doch net wêze at ...

SIMONE        *(omhelst hem van achteren)* Nee, liefje natuurlijk niet. Ik vind het zo naar voor je. Wat heb je tegen haar gezegd?

SJOERD        Wat ik al earder sein ha. Dat sy har net mei myn libben bemuoie moet. Ik hie de hoop dat se it in kear akseptearje soe.

SIMONE        Net als je vader.

SJOERD        Ja. Mar sy is in Castelein.

SIMONE        Wat wil dat zeggen?

SJOERD        Pake Castelein wie grutboer. Sa'n âldfrinzige man mei in hurde kop en wol fiif arbeiders. Ien dêrfan wie ús heit. Beppe koe him gjin soannen jaan, sy krigen ien famke. Dat wie mem, sy wie eins de opfolger, de stamhâlder. Dy moast har dûbeld bewize.

SIMONE        Moesten jou ouders trouwen toen je moeder zwanger was van jou?

- SJOERD Dêr bin ik noait achter kaam. Mar ik tink it net. Mem wie like dwêrs as har heit, at it nedich wie ek tsjin him. Ik tink dat se him sjen litte woe dat se eigen baas wie, dat se trouwe koe, mei wa 't se sels woe.
- SIMONE Maar dan moet ze jou toch ook begrijpen?
- SJOERD Dat soest sizze, ja. Dat is it net.
- SIMONE Wat is it dan?
- SJOERD Mem is de keninginne dy't gjin ôfstân fan de troan dwaan kin. As sy stoppet, dan donderet alles yn inoar, tinkt se: de buorkerij, it bedriuw, de húshâlding. Dan ha fiif generaasjes foar neat wrotten. Dat tinkt se. En sûnt dat ûngemak fan ús heit, is it allinnich mar slimmer wurden. Ik bin net syn opfolger, mar harres.
- SIMONE En je vader dan?
- SJOERD Dy opponearret him nea. Dy seit faak: 'de koartste wei is deromhinne' Ik tink wolris: ik ha it boer wêzen leart fan ús mem, mar de leafde foar de kij en it lân ha'k fan ús heit.
- SIMONE Je hebt twee geweldige ouders, Sjoerd. Ze houden van je, net als ik. Ik weet zeker dat we dit kunnen oplossen.
- SJOERD Ja. Mar ... soesto net op 'e pleats ... ?
- SIMONE Zie je het voor je? Ik weet nauwelijks het verschil tussen een koe en een paard. Voordat je er erg in had zou ik op je moeder lijken. Nee, jij moet jezelf zijn. De ruimte krijgen. En de tijd. Je bent jong. Het verleden ligt op jouw schouders, maar daar hoort het niet. Je moet werken en genieten. Kijken naar de toekomst, maar er niet aan denken. Voor alles is een oplossing en die komt vanzelf.
- SJOERD De koartste wei is deromhinne.
- SIMONE Precies. Net zoals met de straatjes en kanalen in Venetië.
- SJOERD Ik hâld fan dy.
- SIMONE Ik hou van je. En ik houd je vast. Ik laat je niet meer los.

**SÊNE 11 – It ein fan 'e wrâld**

*(Yn it kafee binne Ruben, Wike en Sjoukje drok mei apeltaart, boardsjes, in boskje blommen op 'e tafel, in pear slingers, ensf. Se ha der nocht oan en sjogge der fleurich út)*



SJOUKJE Alles klear? Fluch, fluch, fluch.

RUBEN Ze komen er aan!

*(Simone en Sjoerd komme deryn yn reisklean. Simone mei in rolkofferke, Sjoerd mei in rêchsek)*

WIKE Tadadadadaaaa!!

SIMONE O, wat leuk! Wat geweldich!

RUBEN Dag mam!

SJOUKJE Hoi Sjoerd. Ha jim it moai hân?

*(Elkenien tutet en praat trochinoar hinne.)*

WIKE: Hey, hoi Sjoerd. Dach frou Van Dam. Ha jim in goede reis hân?

SJOERD: Wat in ûntfangst. Alles goed, Ruben?

SIMONE: Dag Wike. Konden jullie het een beetje bolwerken?

RUBEN: Alles ging perfect. We konden het prima aan met z'n drieën.

SJOUKJE: Do sjochst der super gelokkich út.

RUBEN Kijk eens mem. Ik heb echte Friese boerenappeltaart gekocht.  
*(hy snijt de taart yn stikjes.)*

SIMONE O, wat lekker lieverd.

RUBEN Heb je wat voor me meegenomen? En voor Sjoukje? En voor Wike? Want die hebben vreselijk hun best gedaan.

SIMONE Ja zeker! Wacht.

*(Simone siket yn har tas, wylst de oaren in hap fan 'e apeltaart nimme. Op dat momint wurdt der hurd op 'e achterdoar kloppe. Stilte.)*

RUBEN Wie kan dat nou zijn?

*(Wike docht iepen. Yn 'e doariepening stiet Geke Swierstra, yn in reinjas en mei in sporttas yn 'e hân)*

GEKE Is Sjoerd der ek?

*(Sjoerd giet oerein. Geke bliuwt by de doar stean.)*

SJOERD Goeie. We binne krekt werom.

GEKE Kin ik dy efkes te wurd?

SJOUKJE Wy geane wol. Kom mar Ruben.

*(Sjoukje, Ruben en Wike geane ôf. Simone giet wifeljend oerein.)*

SJOERD Simone kin wol bliuwe.

GEKE Ik wol mei dy prate. Dan mar in oare kear. *(draait har om)*

SIMONE Nee, nee, laat maar. Ik ga wel.

*(Simone giet ôf, mar hâldt de doar op in kier.)*

SJOERD Wat wol mem?

GEKE Hoechst net mear thús te kommen. *(lit de sporttas tusken harren yn falle)*

SJOERD Wât seit mem?

GEKE Hast my wol heard. Kinst wol by har bliuwe. Bist hjir doch al it measte fan 'e tiid.

SJOERD En de buorkerij dan?

GEKE Dat haw ik mei heit bepraat. Hylke nimt it oer.

SJOERD Hylke?

GEKE Ja. *(stilte)* Sa kin it net langer. *(stilte)* It bêste jonge. *(ôf)*

*(Sjoerd stoarret har nei. Stilte. Simone giet foarsichtich nei him ta en slacht de earms om de ûnbeweechlike Sjoerd.)*

SIMONE O, Sjoerd, Sjoerd, Sjoerd. Het komt goed jongen, het komt goed.  
Ik houd je vast. Ik laat je niet meer los.

*(De oaren sjogge yn de doar iepening ta.)*

SÊNE 12 – Noch in nij begjin

*(It koar komt sjongendewei it toaniel oprinnen . Elkenien stiet der wat ferlern by. As lêste makket Sjoerd him los fan Simone, pakt de sporttas en giet stadichwei ôf. De ien nei de oare begjint tige stadich oan in putsje: de tafel ôfrêde, de flier feie, tôgje mei in bierkrat, ensfh. Op in bepaald momint makket Sjoukje har los fan it koar, dat noch even súntsjes trochgiet mei sjongen.)*

A.

SJOUKJE Sjoerd luts yn by Simone. Hy iet oan har tafel. Hy slepte yn har bêd. Dat die er al, mar no elke dei, elke nacht. As wiene se fan de iene op de oare dei in spantsje dat al 25 jier troud is. Hy holp yn de keuken, mei putsjes, mei klanten. Mar dy fûnen him stúmsk. Net ien hie it der mear oer wat dy jongkeardel mei dat âldwiif moast. Net ien hie it oer de Swierstra's of oer de boer dy't gjin boer mear wie. Elkenien swijde. Alteast, as Sjoerd yn 'e buert wie. Ruben waard syn bêste maat.

*(Sjoerd giet mei in bal nei Ruben, dy't in toanielskript oan it lêzen is)*

SJOERD Baltsje skoppe?

RUBEN 'Waarom wachten op een later dat misschien wel nooit komt? Alles wat u hebben wilt kan ik u geven. Alles, voor een kleinigheid, welke u toch niet meer gebruikt.'

SJOERD Sil ik dy in panna sjen litte? Tusken de skonken troch.

RUBEN 'Uw ziel, dat is alles wat ik hebben wil. Straks, als u er toch niets meer aan heeft,' sprak de duivel Mefisto.

SJOERD Do bist allinnich mar mei dat stomme stik dwaande.

RUBEN Hoezo stom? Zou jij je ziel verkopen als je alles kon krijgen wat je hebben wou?  
*(ûnderwilens stiet er stil en spilet Sjoerd de bal tusken syn skonken troch.)*

SJOERD Ik wit net iens wêr't myn siel sit. Panna!

*(Ruben pakt de bal ôf, pingelet en sjit 'm tusken de skonken fan Sjoerd troch.)*

RUBEN Kijk eens onder je arm, mafkees. Of ben je hem al verloren?  
*(Hy sjit de bal wer tusken syn skonken troch.)*

SJOERD Wêr slacht dat no op?

RUBEN En? Wat heb je ervoor gekregen? Een mooie vrouw, rijkdom, macht? Maar je ziel ben je kwijt.

*(Sjoerd hellet út en sjit de bal tige hurd tsjin Ruben oan. Dy krimpt ynelkoar.)*

RUBEN Au!

SIMONE *(Komt binnen, ontfermt zich over Ruben.)* Moet dat nu zo ruig? Waarom voetballen jullie niet buiten? Wat is er gebeurd? Laat eens zien.

*(Ruben draait him fan har ôf.)*

SJOERD Och niks. Meitsje dy net sa drok. Do oerdriuwst altyd sa. *(rint fuort)*

B.

SJOUKJE Sjoerd stikte binnen, mar bûtendoar woe er him net sjen litte. Nei twa wike fûn er in baantsje by de boerehelp, yn in doarp flakby. Op in dei kaam er Hylke tsjin.

HYLKE Hoi. *(Sjoerd sjocht in oare kant út)* Hoe is 't?

SJOERD Bêst genoch.

HYLKE No, dat is goed om te ...

SJOERD Bist in kloat.

HYLKE Dat sil wol.

SJOERD Wêrom hast neat sein? *(Hylke lûkt oan 'e skouders)* Doe't ik dy belle. Doe wistest it al.

HYLKE Wat hie ik sizze moatten? It hie gjin doel. Mem hie it sa yn 'e kop.

SJOERD Bist gjin broer. Bist in ferrieder.

HYLKE Wist sels ek wol dat it sa net langer koe. Wiest der noait. Lietst de dingen sloere. Wiest allinne mar by har.

*(Sjoerd jout him in klap mei de fûst. Hylke wankelet, falt, hat in bloednoas.)*

HYLKE Gean mei nei hûs. Praat mei heit.

SJOERD Op myn knibbels werom, tink? Dat soene mem en do wol moai fine, is 't net? En dan? En dan? As ik Simone dump, dan mei ik fan mem miskien dyn boerefeint wêze? Ik skyt op jimme! Op jim allegearre!  
*(Hy jout Hylke in traap, mar hâldt op as er sjocht dat Hylke neat werom docht. Hy rint fuort)*  
Ik kom net werom! Noait in kear!

*(Hylke ôf, mei in bûsdoek foar de noas.)*

C.

SJOUKJE Sjoerd fûn in oar baantsje as boerehelp, in stik fierder fuort. Hy gong der moarns mei de auto fan Simone hinne en wie jûns let werom. Simone tocht hiele dagen oan folhâlden, oant it better wurde soe. At se inoar mar fêstholden, dan soe it in op in dei better wurde.

*(tsjuster. Simone leit op bêd. Sjoerd slûpt de keamer yn, klaait 'm út.)*

SIMONE Ben jij dat Sjoerd? Je bent laat. Heb je gedronken? Kom maar hier.

*(Hy krûpt by har op bêd. Wol frijen.)*

Au! Au! Sjoerd, niet doen. Au! Houd eens even op.

SJOERD Wat is der no?

SIMONE Je doet me pijn.

SJOERD Ach ferdomme. Dat geseur ek altyd.

*(Hy giet op 'e râne fan 't bêd sitten. Simone krûpt achter him, hâldt har hannen foar syn eagen, flústeret)*

SIMONE Sjoerd kom hier, even een experiment.

SJOERD No net.

SIMONE Even, heel even. Ogen dicht, toe maar. Laat je vallen, zwaar zijn. Ik heb op je gewacht lieverd. Alle nachten, ik raak je kwijt. Kom terug lieve Sjoerd. Alsjeblieft kom terug. Laat me niet alleen.

SJOERD Ferdomme. Ferdomme. Ferdomme.

*(Sjoerd sakket stadichwei achteroer mei Simone. Hy begjint te snikken.)*

D.

SJOUKJE Hoe mear Simone har leafde groeide, hoe wanhopiger se waard. En hoe wanhopiger se waard hoe mear har leafde groeide. Mar de minneres, de betsjende leafste, de boartersfreondinne, moast hieltyd mear wike foar de mem, de besoarge, de ûngerêste. Wat moast se dwaan? Wat moast se dwaan?

*(Romke strompelet op krukken foarby. In nerveuze Simone sjit op him ta.)*

SIMONE Swierstra! Eindelijk zie ik u een keer alleen. U komt nooit meer in het café. Ik maak me zorgen om Sjoerd. Het gaat niet goed met hem. Waarom moet dit nu zo? U kunt hier toch niet achterstaan? Tussen u en uw vrouw was vroeger misschien wel net zo'n groot verschil.

ROMKE Dat soe kinne. En dat wie dan ek net altyd like maklik. Miskien witte we dêrom sa goed hoe yngewikkeld it is as de ferskillen sa grut binne.

SIMONE Voor ons zijn die niet zo groot. Het ligt niet aan ons. Het zijn anderen die dat niet kunnen verdragen: het dorp. Uw vrouw.

ROMKE Mar dy 'oaren', dy sitte ek yn ús. Dat is krekt it probleem. Wy sitte oan inoar fêst. Sjoerd is boer yn ieren en sinen en jo ...

SIMONE En ik niet. Maar de wereld verandert toch? Uw vrouw wil het niet. Van *haar* mag het niet.

ROMKE De fraach is net of it wol mei, mar oft it wol kin. Sjoch ...  
(*hy sjocht om 'm hinne*)

SIMONE De kortste weg is er omheen.

ROMKE Fan wa ha jo dat? O. Ja. Fansels. Sjoch, earlik sein moat ik noch sjen oft Hylke it wol op rêdt. It hat tiid nedich. No is elkenien liik en ferkeard en dat moat sakje, as jarre yn 'e put.

SIMONE Ik weet niet wat ik moet doen. Moet ik hem loslaten?

ROMKE Miskien. Dat moatte jo sels útsykje. (*Simone rint fuort*) Dêr kin ik jo net mei helpe.

E.

SJOUKJE Simone wist dat it sa net langer koe. Se wist sa njonkenlytsen wol wat se dwaan moast. Mar hoe makkest stikken wat dy it alder ... alderleafste is, omdat dat better is? Op in dei krige Sjoerd spul mei Ruben.  
  
(*Sjoerd fljocht Ruben achternei dy't syn gitaar pakt hat*)

SJOERD Ferdomme, rotjonge. Bliuw mei dyn poaten fan myn gitaar ôf!  
  
(*Hy jout Ruben in klap, dy ropt 'au!' en giet ôf.*)

SIMONE Sjoerd! Ben je nu helemaal gek geworden? Wat is dit? (*Sjoerd haalt zijn schouders op*) We moeten praten. Nu! Zo kan het niet langer.

SJOERD Aha. No sil it heve. Set my der mar út.

SIMONE Ik zet je er niet uit. Hoe kom je daar bij?

SJOERD No dan meitsje ik it út. Ik ha myn nocht.

SIMONE Sjoerd ... kijk me aan. *(Sjoerd kijkt weg)*. Alsjeblieft, kijk me aan. *(hij doet het)* Houd je van me?

SJOERD *(sjocht de oare kant wer út)* Ik wit it net mear.

SIMONE Op de een of andere manier ben ik je kwijt geraakt. Jij bent jezelf kwijt geraakt. Je bent kwaad op de hele wereld, maar zo is mijn Sjoerd niet. We moeten elkaar de ruimte geven. Je moet een nieuw doel hebben in het leven. Volg een studie of probeer ergens anders boer te worden. Gun jezelf de tijd, dan gaat dit voorbij. En dan komt het bij jullie thuis ook wel weer goed. Daar ben ik zeker van.

SJOERD Dat seist mar. En ik wol net iens werom.

SIMONE Dat zeg je nu. Geef het de tijd.

SJOERD En do?

SIMONE Ik ...

SJOERD Wolst my kwyt. Ik bin in bongel oan 'e poat.

SIMONE Nee, nee ... Ik probeer zo hard om van je te houden. Zo hard, dat het zeer doet. En jij probeert het ook, maar ik voel dat je wegglijdt. Dat ik je niet meer kan bereiken. Dat er een donker gat tussen ons in is gekomen.

SJOERD Kinst it moai sizze.

SIMONE We moeten opnieuw beginnen. Zo kan het niet langer.

SJOERD Nee.

SIMONE Ik denk dat het beter is dat ik vertrek.

*(It koar set wer yn. De sfear op it toaniel is itselde as yn 'e twadde sêne. Sjoerd en Simone steane tsjin inoar oer. De makelder besjocht kritysk de ynrjochting. Sjoerd en Simone jouwe inoar de hân. Dan giet Simone fuort mei Ruben, dy't by de doar stiet mei koffers. Even letter rint Sjoerd ek fuort)*

SJOUKJE En sa barde it ek. Simone ferkocht it kafee. Nei in moanne wie se it al kwyt. Oan in Rotterdammer. Wat dat wurde moat... Sels gong se werom nei Amsterdam. En Sjoerd? Ja, dy koe 'farming assistent' wurde by in Fryske boer in Iowa, yn de U.S.A. Miskien wie dat it wol: in nij doel yn it libben, in nij begjin, yn in nij lân.

*(Itselde dekor as yn de proloochsêne, swaailjochten, lûd fan sirenes, manlju fan de brânwacht en 'paramedics' rinne om; se roppe trochinoar. Sjoerd wurdt op in brankaar nei ûnderen takele en ôffierd. Yn in hoeke stiet Anny, se sjocht bang. Peter is by de helpferlieners. Nynke sjongt har liet mei 'The Flying Cows'.)*

NYNKE

alles begjint opnij  
alles begjint opnij  
alles begjint opnij

wêr't it begûn wit ik net mear  
it wie oft it der altyd wie  
do wiest der en ik wie der  
en dat wie alles dat der wie  
alles wie nij  
alles foar it earst

witsto wannear't dizze dei begûn  
wannear wiesto der foar de earste kear  
wannear wiesto gjin bern mear  
witsto wannear't it gelok begûn?

mei dy wie elk momint foar altyd  
wie der gjin begjin, gjin ein  
wie der neat dat begûn en neat dat ophold  
mei dy derby wie de tiid op fakânsje

no wit ik presys de tiid  
wit ik presys it plak  
no wit ik fan it mes  
dat dy dei oan stikken snied  
wit ik dat in grutte hân  
in streep luts yn it sân

no stiesto dêr en ik stean hjir  
beide oan in oare kant  
no stiet de tiid in hiele dei lang stil  
stiket de klok, tikket, slacht, skoot en skaaft de klok  
en skuort myn dei yn einleas lytse flarden  
mar ik wit seker

alles begjint opnij  
alles begjint opnij  
alles begjint opnij



*(Peter rint nei Anny ta)*

ANNY How is he?

PETER I don't know.

ANNY Is he dead? *(Peter skodhollet)* Will he make it?

PETER I don't know.

ANNY He'll have to make it. He'll have to make it.

PETER He will. He will.

*(ferfolch liet)*

NYNKE ek al smeult it fjurke fierder  
oait sil de pine smelte  
oait komt in nije dei  
dy is begûn foardatst der erch yn hiest  
oait sil de tiid wer streame  
en is it krekt of wie der gjin begjin  
want ik wit seker

alles begjint opnij  
alles begjint opnij  
alles begjint opnij

EIN